

# Jierferslach 2019





# Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• It lustrumjier 2019		4
• Oantekens ledegearkomste 6 maart 2019		5
• Kening op sokken		12
• “Altijd kaatsen met een plan” – Imke van der Leest		14
• Woansdei 24 july 2019: de 15e Jong-Feintepartij		16
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Feroarings binnen de wedstriidkommisje...	Wedstriidkommisje	17
- We ha in man fûn foar de fjilden en materialen!	Ut namme fan it HB	17
- Fan 'e PR-Kommisje...	PR-Kommisje	18
- TK siket gearwurking mei Wommels	Technyske Kommisje	18
* Keatser fan it jier, stikem wol in ear...	Hille Meijer	19
- 2019 ... in weromblik fan de jongereinkommisje	Jongereinkommisje	20
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2019		20
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	21
* Algemeene taljochting op it finansjele jierferslach		24
* Eksploitaasjerekken 2019		26
* Ferklearring kaskommisje 2019		26
* Taljochting op de eksploitaasjerekken 2019		27
- Yn de hâlding foar it sechsde keatskamp!	Keatskampkommisje	28
• Wedstriidferslaggen		30
- Ledewedstriden		30
- Wedstriden federaasje		37
- Wedstriden KNKB		38
- Bysûndere aktiviteiten		41
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule		42
- Nederlânske kampioenskippen		42
- KNKB Klasseminten		43
• Keatsmominten út 2019		44

## Kolofon

Foto omslach: De famkes winne it NK! – Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw (© Suwarda Vis)

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Judy Bergsma en Froukje Dijkstra

## HAADBeSTJo eR

Dirk-Yde Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH easterein	06-54385633	Foarsitter
Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH easterein	0515-851878	Skriuwer
René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB easterein	06-30918435	Ponghâlder
Danny Roos	Singel 23, 8734 HP easterein	06-36036611	Jongerein saken
Wiepkje Hiemstra	eeskwert 29, 8734 HA easterein	0515-333880	Algemiene saken
Bauke Dijkstra			Technyske saken
Romine Jelsma	Vrijburg 16, 8734 GK easterein	06-22709673	Wedstriidsaken
Fakatuere			Fjilden en materialen
Fakatuere			Foarsitter PR



## Jo NGeReiNko MMiSJe

Danny Roos	Singel 23, 8734 HP easterein	06-36036611	Foarsitter
Annebeth de Jong	v. eysingaleane 16, 8734 GC easterein	06-25133491	Skriuwer
Geertje Sijbesma	Hofsleane 12, 8734 HK easterein	06-17030584	Kompetysje saken
Klaas Sixma	it Risplân 4, 8734 HT easterein	0515-332963	Alg./Fasilitaire saken
Marijke Jellema	it Risplân 3, 8734 HT easterein	0515-333370	o pjeffe jongerein
Marit Kuperus			Alg./Fasilitaire saken
Fakatuere			Kont.persoan teaml

## FiNANSJeLe- eN STiPeKo MMiSJe

Tjeerd Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG easterein	0515-331600	Foarsitter
René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB easterein	06-30918435	Kontakt HB
Tymen Dijkstra	Skrok 8, 8734 HG easterein	0515-333030	Relaasje behear
Hendrik o kkema	it Risplân 2, 8734 HT easterein	0515-332223	Relaasje behear
Hendrik Kuiper	v. eysingaleane 27, 8734 GD easterein	06-46066337	Relaasje behear

## TeCHNYSKe Ko MMiSJe

Bauke Dijkstra			Foarsitter
Jan Schurer	Vrijburg 18, 8734 GK easterein	06-46013938	Trainings koördinator
Johannes Hazenberg	Foarbuorren 7, 8734 HD easterein	06-81465039	TK koördinator
Lysbet Schilstra	v. eysingaleane 18, 8734 GD easterein	06-30745420	TK koördinator
Sietske o kkema	Wynserdyk 24, 8734 GB easterein	06-27064705	TK koördinator
Fakatuere			TK lid froulju

## PR-Ko MMiSJe

Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG easterein	06-48715808	Foarsitter
Judy Bergsma	Foarbuorren 25, 8734 HD easterein	06-11070135	Skriuwer
Jetske Sieperda	Skoallestrjitte 54, 8734 GN easterein	06-51951466	Jong Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM easterein	06-23402564	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ easterein	0515-532609	Kleanbelied
Greet Jorritsma	Fabrykswei 9, 8734 HV easterein	0515-331900	Redaksjelid

## WeDSTRiIDKo MMiSJe

Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH easterein	0515-851878	Foarsitter
Tineke Kamstra	Stiftenserleane 1, 8734 HC easterein	06-53416952	Skriuwer
Tjerk Politiek	De Ljurk 17, 8731 De Wommels	06-46080290	Wedstriidsekretariaat
Romine Jelsma	Vrijburg 16, 8734 GK easterein	06-22709673	Wedstriidsaken
Wietse Vink	de Singel 30a, 8734 HR easterein	06-54774931	Algemeine saken
Mirjam Reitsma	de Singel 8, 8734 HR easterein	06-51682652	Algemeine saken

## FjILDeN- eN MATeRiALeKo MMiSJe

Klaas Sixma	it Risplân 4, 8734 HT easterein	0515-332963	Fjilden jongerein
Fakatuere			Foarsitter

## WeBReDAKSJe

Wiepkje Hiemstra	œeskwert 29, 8734 HA easterein	0515-333880	Foarsitter
Marije Hiemstra	Vrijburg 18, 8734 GK easterein	06-30151578	Redaksje behear
Dirk-Yde Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH easterein	06-54385633	Redaksje lid
imke van der Leest	Sjaardaleane 17, 8734 GH easterein	06-49942283	Redaksje lid
Karin Sjaarda	Skipppersbuorren 5, 8734 GT easterein	06-24962215	ein redakteur

## KeATSKAMPKo MMiSJe

imke van der Leest	Sjaardaleane 17, 8734 GH easterein	06-49942283	
Sieta Tessemaker	Sjaardaleane 5, 8734 GH easterein	06-20122296	
Marco Rijpkema	Stiftenserleane 1, 8734 HC easterein	06-13660866	
Selma de Boer	Skipppersbuorren 15, 8734 GT easterein	06-31499131	

## It lustrumjier 2019

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein fan 2019. It hat in bysûnder jier west. Wy ha ús 115-jierrich bestean fierd mei spesjale ledepartijen, in badeintsjerace, Kening op Sokken plus de organisaasje fan de Federaasjedei en it NK froulju. Ek ha we ús gearwurking mei Keatsferiening Wommels fierder foarm jûn, organisearren we tegearre de keats-off en de generale fan de Frouljus PC en hienen we in rekôr oantal partoeren op ús Jong-Feintepartij. Koartom, wy ha wer in protte by de ein hân. Mei dit prachtige boekwurk hoopje wy jimme wer in moai oersjoch te jaan mei alles wat der ôfrûne jier bard is yn en mei keatsend Easterein.

As earste wienen fansels de útfierings fan keatsmusical 'Kening op Sokken', ek foar my persoanlik, in grut aventoer. Lit stean foar de froulju fan dizze Ko S-kommisje, dy't harren al sûnt 2016 taryeden ha op dat momint. Mei mar leafst 750 besikers en 5 útfierings wie dit in daverjend súkses en in prachtige iepening fan ús lustrumjier.

Op de manljus PC stiene Liset en Brecht samar tusken de grutte mannen, op it hillige gers fan it Sjûkelân, te blokjerinnen. Wat ha sy in machtige dei hân en de PC-kommisje wie dik tefreden! We organisearren ôfrûne jier foar it earst de keats-off yn easterein en de generale foar de Frouljus PC yn Wommels. Yn 2020 sil dat oarsom wêze. ek wienen ôfrûne simmer de KNKB manlju 50+ te gast yn easterein. Der stiene mar leafst 12 eastereiners op 'e list! 'Wa't de jeugd hat, hat de takomst' giet hjir net op.

Fierders wie it ek it jier fan twa moaie prizen op de Frouljus PC yn Weidum. Jeska wûn dêr, nei in tige spannende 2e omloup dy't beslikke waard op 5-5:6-6, in moaie 3e priis mei har maten. Foar imke wie dit har lêste optreden yn Weidum en se naam ôfskie mei in fertsjinne 2e priis.

De kroan op ús lustrumjier wie fansels de winst op it NK famkes op 15 juny yn Menaam. Roelie, Corrie, Nynke en coach Ype wienen dy dei oppermachtich. Foar de tredde kear yn de histoarje fan ús keatsferiening waard der in NK of bûnspartij wûn en foar de twadde kear troch ditselde partoer. Yn 2014 wûnen se it NK pupillen famkes.

Wy binne yntusken ek alwer drok dwaande mei de taryedings foar it keatsseizoen fan 2020 en der stiet wer in protte te gebeuren. Wy wolle it seizoen, lykas yn 2019, wer ôftraapje mei in kaderjûn foar ús frijwilligers. Dêrnei stiet der fansels ek wer in keatskamp foar ús jongerein op it programma. Yn july sille wy alwer foar de 16e kear de Jong-Feintepartij organisearje. Tagelyk binne wy dwaande om de opset en organisaasje fan dizze partij tsjin it ljocht te hâlden. Wy binne ambisjeus en wolle nei mooglikheden sjen om mei dizze partij en ek as keatsferiening stappen foarút te setten.

As lêste wolle wy graach al ús frijwilligers tanksizze foar it feit dat se mei in protte entûsjasme frije tiid yn ús moaie feriening stekke wolle. Dêr kinne wy net sûnder en dat sjogge wy ek seker net as in fanselssprekkendheid. Under it mom fan 'frijwillich mar net frijbluwend' wurdt der in tiidynvestearing frege, mar wy hoopje dat ús frijwilligers der ek foldwaning en wille foar werom krije. Us ynstek is dat it leuk wêze moat om aktyf te wêzen foar ús feriening. Boppedat leare je der ek in protte fan. Dan levert it frijwilligerswurk ek wer in soad enerzjy op!

Wy binne fansels ek wer tige grutsk dat wy jimme, mei tank oan ús PR-kommisje, sa'n moai neislachwurk oanbiede kinne. Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jimme in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje jimme yn it kommende keatsseizoen wer op de fjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda  
Foarsitter Keatsferiening Easterein



# Oantekens ledegearkomste – 6 maart 2019



**Oanwêzich:** Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Wilma Sjaarda, Danny Roos, Wiepkje Hiemstra, René Rijoma, Bauke Dijkstra en 32 leden.

**Ofwêzich mei berjocht:** Christian Hoekstra, enne Bruinsma, Vera de Vries, Harm-Auke Dijkstra, Ype Tiemersma, Marije Schurer, Judy Bergsma, Anco elgersma, Annebeth de Jong, Hans Kooistra, Tineke Dijkstra, Karin Sjaarda, Marco Hoekstra, imke van der Leest

## Wurklist:

1. iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. o antekens fan de foarjiersgearkomste op 7 maart 2018
4. Finansiële ferslach:
  - rekken 2018
  - begrutting 2019
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2018
7. Skoft
8. Bestjoersferkiezing:
  - o ftredend en ferkiesber: Dirk-Yde Sjaarda, foarsitter
  - o ftredend: Mattie Dijkstra, fise-foarsitter
  - Foardracht: Romine Jelsma, kontaktpersoan wedstriidkommisje
  - o ftredend: Wilma Sjaarda, skriuwer
  - Foardracht: Fakatuere
9. Stikken KNKB gearkomste op 14 maart 2019
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
  - meidielings fanút de foarjiersgearkomste Federaasje Snits
  - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
  - ôfskied kommisjeleden
  - fakatuere: stân fan saken
11. Wedstriidaginda 2019
12. Lustrumjier – Kening op Sokken
13. o mfreggen
14. Sluting

## 1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet om 20.10 oere de gearkomste:  
"Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús ledegearkomste binne. in spesjaal wolkom foar ús eareleden: Tjeerd Dijkstra, Jelle Fopma en Jan Hiemstra. ek in spesjaal wolkom foar Boudewijn Kramer en Hille Meijer fan de Skoalleseize én ús haadstiper Tom en Greet Couperus."

Nei dizze wurden neamt Dirk-Yde de ôfmeldings op en ferfolget syn foarwurd: "Sa'n foarjiersgearkomste is altiten sa'n momint dat de measten fan ús wer út de wintersliep komme en stadichoan oan dat lytse baltsje begjinne te tinken. Tagelyk is dit ek sa'n momint om noch efkes werom te sjen op it keatsseizoen 2018. in jier wêrby't we wer in eastereiner partoer foar de finte stean hienen op ús Jong-Feinte partij en wêrby der ek in moaie 3e priis wie op de Ald-Meiers. Letter yn dizze gearkomste meie wy jim, mei tank oan ús PR-kommisje, wer in prachtich jierferslach oanbiede. Dan kinne jim it allegearre noch efkes rêstich weromlêze.

it jier 2018 giet ek de boeken yn as it jier dat we plannen makke ha om in gearwurking op te starten mei KF Wommels. Doe't imke en Sjanet Wijnja yn 2017 de frouljus PC wûnen binne we de tongersdeitejûn dernei yn Wommels west te kompetysjekeatsen, om sa ek de huldiging by te wenjen dy't dêr plakfûn. it wie de opmaat om de kontakten oan te heljen en te ûndersykjen wat wy fierder foar elkoar betsjutte kinne. Ferline jier wie dêr al 'the Battle', mar der sit mear oan te kommen. Letter yn dizze gearkomste sille we it dêr ek noch efkes oer ha.

Stikem sjogge we ek al efkes foarút nei it lustrum fan 2019, it jier dat wy ús 115-jierrich bestean fiere sille. We ha in folle aginda foar de boech yn it kader fan it jubileum, lykas in spesjale ledewedstriid, de Federaasjedei en de NK froulju. en dan ha we fansels ek noch de opfiering fan Kening op Sokken! Sûnt 2016 binne der in oantal tige entûsjaste froulju (Wiepkje, Mattie, Karin en Wilma en

letter ek Tettje de Boer) dwaande mei de tariedings. ek hjiroer letter mear. No ha ik earst genôch sein en sille we los mei de gearkomste. ik wol eltsenien in noflikke gearkomste tawinskje.

## 2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Gjin meidielings. Wurklist wurdt fêststeld.
- Ynkommen stikken:
- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

## 3. Ferslach fan de foarjiersgearkomste fan 7 maart 2018

- elts lid hat de oantekens fan de foarjiersgearkomste al tastjoerd krigen. Dirk-Yde freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen. Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

## 4. Finansjeel ferslach

- René jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2018 en de begutting foar 2019.

### Rekken 2018 (totaal)

Opbringssten	Begutting 2018	Rekken 2018	Rekken 2017
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.099	2.109	2.273
Sponsorjilden	12.525	13.050	12.825
Kontribusje en trainingsjilden	8.510	8.273	8.985
Aksjes	6.400	6.284	5.826
Subsydzje Gemeente	700	705	854
Subsydzjes en bydragen	0	300	0
Ferskate opbringssten	2.355	2.944	2.453
<b>Totaal opbringssten</b>	<b>32.589</b>	<b>33.665</b>	<b>33.215</b>

Utjeften	Begutting 2018	Rekken 2018	Rekken 2017
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	8.430	8.991	8.194
Kosten wedstriiden	4.293	4.098	4.088
Ferieningskosten	10.470	9.815	7.750
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.879	1.477	1.854
KNKB en Federaasje	3.963	3.816	4.186
Aksjes	2.015	1.853	2.127
Materiaal	1.323	1.789	5.856
<b>Totaal uitgaven</b>	<b>32.372</b>	<b>31.748</b>	<b>34.055</b>
<b>Resultaat</b>	<b>217</b>	<b>1.917</b>	<b>-840</b>

### Organisaasje 2018

Opbringssten	Begutting 2018	Rekken 2018	Rekken 2017
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	0	0	0
Sponsorjilden	3.300	3.250	3.350
Kontribusje en trainingsjilden	8.510	8.273	8.985
Aksjes	4.550	4.693	3.941
Subsydzje Gemeente	700	705	854
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringssten	1.755	1.803	1.389
<b>Totaal opbringssten</b>	<b>18.815</b>	<b>18.724</b>	<b>18.518</b>

Utjeften	Begutting 2018	Rekken 2018	Rekken 2017
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	285	150	116
Kosten wedstriiden	267	111	263
Ferieningskosten	9.270	8.661	6.259
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.105	997	1.134
KNKB en Federaasje	3.963	3.816	4.186
Aksjes	1.750	1.548	1.861
Materiaal	788	1.759	5.821
<b>Totaal uitgaven</b>	<b>17.427</b>	<b>17.042</b>	<b>19.641</b>
<b>Resultaat</b>	<b>1.388</b>	<b>1.683</b>	<b>-1.122</b>

### Wedstriiden 2018

Opbringssten	Begutting 2018	Rekken 2018	Rekken 2017
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.099	2.109	2.273
Sponsorjilden	9.225	9.800	9.475
Kontribusje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	1.850	1.591	1.886
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	300	0
Ferskate opbringssten	600	1.141	1.064
<b>Totaal opbringssten</b>	<b>13.774</b>	<b>14.941</b>	<b>14.697</b>


Utjeften	Begutting 2018	Rekken 2018	Rekken 2017
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	8.145	8.841	8.077
Kosten wedstriiden	4.026	3.897	3.825
Ferieningskosten	1.200	1.154	1.491
Hier sporthal, fjilden, materialen	774	480	720
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	265	305	265
Materiaal	535	30	35
<b>Totaal uitgaven</b>	<b>14.945</b>	<b>14.706</b>	<b>14.414</b>
<b>Resultaat</b>	<b>-1.171</b>	<b>234</b>	<b>283</b>

### Eigen fermogen

Kleanreservearring (9146)

Reservearring keatskamp (100)

Reservearring Jubileum (2750)



eigen fermogen is rom € 16.000, we wolle in minimum fan € 10.000.

### Begutting 2019

Ynkomensten	Begutting 2019				
Kategory	Organisaasje	Wedstriiden	Musical	Totaal	Begutting 2018
	Euro	Euro		Euro	Euro
Ynlis wedstriiden		1.966		1.966	2.099
Sponsorjild	3.050	8.150	2.000	13.200	12.525
Kontribusje/Trainings	9.394			9.394	8.510
Aksjes	3.475	1.785	9.300	14.760	6.400
Subsydzjes/bydragen	700		5.000	5.700	700
Ferskaat	4.330	600		4.930	2.355
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>20.949</b>	<b>12.501</b>	<b>16.500</b>	<b>49.950</b>	<b>32.589</b>

Utjeften	Begutting 2019				
Kategorie	Organisaasje	Wedstriiden	Musical	Totaal	Begutting 2018
	Euro	Euro		Euro	Euro
Prizen en krânsen	218	8.636		8.853	8.430
Kosten wedstriiden, keatsclinics	150	3.676		3.826	4.293
Ferieningskosten	10.760	1.388	16.500	28.648	10.470
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.027	814		1.841	1.879
KNKB en Federaasje	3.595			3.595	3.963
Aksjes	1.550	363		1.915	2.015
Materiaal	963	310		1.273	1.323
<b>Totaal útjeften</b>	<b>18.262</b>	<b>15.188</b>	<b>16.500</b>	<b>49.950</b>	<b>32.372</b>
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>20.949</b>	<b>12.501</b>	<b>16.500</b>	<b>49.950</b>	<b>32.589</b>
<b>Resultaat</b>	<b>2.687</b>	<b>-2.687</b>			<b>217</b>



- Kontribúsje giet mei € 0,50 omheech foar sawol de senioaren as de bern. René freget de oanwêzigen oft se akkoard gean kinne mei dizze ferheging: de gearkomste giet akkoard mei de kontribúsje-ferheging.
- Stipe yn tiid en jild is fan herte wolkom! Benammen mei de koeke-aksje, 1 en 2 april, kinne we noch hulp brûke. o anmelde kin by it haadbestjoer.

#### Foarstel kontribúsje 2019

	2017	2018	2019	Ferskil
Kontribúsje senioaren	34,00	34,50	35,00	0,50
Kontribúsje jongerein	25,75	26,00	26,50	0,50
Trainingen jongerein				
- seal	12,50	12,50	12,50	-
- fjild	17,50	17,50	17,50	-
- beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynllis wedstriden				
- senioaren	3,00	3,00	3,00	-
- jongerein; Fed.Snits	2,00	2,00	2,00	-
KNKB	3,00	3,00	3,00	-

#### Aksjes 2019

Opbringsten	Rekken 2018	Begrutting 2019	Rekken 2017
Aksje	Euro	Euro	Euro
Malkwarder koeke	1.393	1.450	1.607
Raba leden	155	150	220
GEKE	261	100	70
Poliesz	976	0	0
Ferlotting JFP	758	850	815
Jumbo Flessebonnen	224	225	252

#### 5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Tjerk Politiek en Marit Kuperus dogge ferslach fan de kaskontrôle: Marit: "Alles wie sear korrekt, mei tank oan it protokol ha we alles goed besjoen. Alles troch west, gjin fouten fine kinnen. Kritysk nei de rekkens sjoen, tip om kontant jild wat binnen komt troch 2 minsken telle te litten sadat dêr kontrôle op is". Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliend. Tjerk Politiek en Marit Kuperus wurde betanke, Tjerk syn sit yn de kaskommisje sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Geertje Sijbesma.

#### 6. Presintaasje jierferslach 2018

- Mattie ropt Froukje Dijkstra en Greet Jorritsma nei foarren; sy binne fanút de PR de driuwende krêft efter it jierferslach en fertsjinje dêrom in wolfertsjinne applaus. Hjirnei

wurdt it jierferslach útdield oan alle oanwêzigen.

#### 7. Skoff

- o mdat de gearkomste sa moai flot giet, hannelje we earst punt 8 ôf. Hjirnei ha we skoff fan 20.40 oere - 21.00 oere.



#### 8. Bestjoersferkiezing

- o ftredend en ferkiesber: Dirk-Yde Sjaarda, foarsitter
- o ftredend: Mattie Dijkstra, fise-foarsitter  
Foardracht: Romine Jelsma, kontaktpersoan wedstriidkommisje  
o ftredend: Wilma Sjaarda, skriuwer  
Foardracht: Fakatuere
- Dirk-Yde stelt himsels ferkiesber foar 3 jier (o/m foarjiers-gearkomste 2022). De gearkomste giet hjirmei akkoard troch middel fan applaus
- Mattie nimt ôfskied fan it haadbestjoer. Dirk-Yde sprek har ta: "As foarsittersduo binne wy alwer 5 jier lyn tatreden ta it haadbestjoer fan de keatsferiening. ik as foarsitter dy't de gearkomsten liede en do benammen simmers op it fjild yn it spier by de wedstriden doe't ik sels noch aktyf KNKB keatste. en dan wiesto ek noch aktyf binnen de wedstriidkommisje. it wie in perfekte kombi! Do meist altiten graach dwaande wêze foar de keatsferiening en hast der dan ek in protte tiid yn stutsen. ik hoopje dat it tagelyk ek in protte wille en energzjy opsmitten hat. Altiten koenen wy in berop op dy dwaan. eins wiesto ek in soarte fan 'manusje-fan-alles'. Alles altiten wol dwaan en regelje wolle en foardat we it wisten wie it al dien. Fierders hast de saneamde KF-rokjes yntrodusearre. it moat jim opfallen wêze! Mar de ôfrûne jierren paradearren jim, bygelyks mei de Jong-Feinte, tige kreas yn dizze rokjes mei KF-kleuren. o p dizze Jong-Feinte Partij wûnsto boppedat yn 2017 ek noch de haadpriis mei de ferlotting: in wykeintsje fuort nei Skylge. Priis sels útsocht? Dan noch wat wêrsto dy binnen ús bestjoer tige populêr mei makke hast. De pear kearen dat ik der – om wat fan reden dan ek – net bywêze koe by de bestjoersgearkomsten, koesto samar troch de wurklist komme en wienen we altiten earder klear as wannear't ik de boel liede. Dêr kin ik noch wat fan leare... (dit stikje ha ik foar it wykein al skreaun, want ôfrûne moandei foel it suver wat ôf...) ik ha my fertelle litten datsto pas sûnt de ferkearing mei Tjeerd yn oanrekking kommen bist mei it keatsen, mar datsto der fanôf doe ek kompleet oan ferslingere rekke bist. Altiten op paad mei jim keatsende bern (Bauke, Jelte-Pieter en Tineke) en mei dyn aktive man yn it HB fan de KNKB. Mar sels ek aktyf keatse op ledepartijen en by it kompetysjekeatsen.



Do bist altiten al tige aktyf west binnen ús feriening. Dy histoarje rikket al fier werom. Sa hasto jierren as partoer-begelieder en ek as trainer (mei Tettje de Boer) aktyf west. Hast fan 2004 o/m 2008 yn de jongereinkommisje sitten. Fan 2011 o/m 2018 hast lid west fan de wedstriid-kommisje (fan 2015 ôf yn de funksje fan foarsitter). Yn 2011 bist efkes yn it haadbestjoer kommen as tydlike ferfanger fan Jikke en fan 2014 o/m no ha wy tegearre it foarsitterskip op ús nommen. Boppedat bisto fan it begjin ôf (yn 2016) belutsen by Kening op Sokken.

Mattie, we sille dyn oanwêzigens misse yn it haadbestjoer. Wilma ek, want jim wienen faak wol wat in 'twee-eenheid...' Gelokkich bliuwt as kaderlid behâlden foar ús feriening, want do hast Wilma har funksje oernommen as foarsitter fan de PR-kommisje. Dêr binne we fansels hiel wiis mei. Tank foar de ôfrûne (en ek âlfêst foar de kommende) jierren en it giet dy goed!" Applaus folget foar Mattie. Se krijt út hannen fan Wilma in oantinken fan glêsblozerij 't Quakeltsje.

- o pfolgster fan Mattie is Romine Jelsma: sy wurdt kontaktpersoan fanút de wedstriidkommisje. De gearkomste giet akkoard mei har foardracht.
- Foar Wilma is noch gjin opfolg(st)er fûn, se bliuwt yn it haadbestjoer oant der in nije skriuwer fûn is.

#### 9. Stikken KNKB gearkomste op 14 maart 2019

Dirk-Yde: der binne 7 hammerstikken tidens de AV KNKB op 14 maart:

- Foarstel KF Boalsert > ferdieling f.f. wedstriden en t.i.l. wedstriden haadklasse froulju en manlju evenredich meitsje:
  - Mei yngong fan 2020 ferhâlding by de froulju 50-50.
  - Per 2020 manlju 70-30 (f.f./t.i.l.) en per 2021 50-50
- Tsjin foarstel KNKB > 20-10 (f.f.-t.i.l.) wêrby't alle ferienings 1x per 3 jier in t.i.l. wedstriid ha.
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen, gearkomste giet hjirmei akkoard.
- Foarstel Sjirk de Wal/Dronryp > opwurdearring t.i.l. wedstriden:
  - Foarstel 1: keats(t)ers dy't yn de stân fan de ranking yn oanmerking komme foar de f.f. wedstriden stean automatysk op de list foar de t.i.l. wedstriden
  - Foarstel 2: T.i.l. wedstriden gean wer punten opleverjen foar de ranking
- Miening KNKB:
  - Mei iens dat de ranking keats(t)ers automatysk op de list komme foar de t.i.l. wedstriden
  - Gjinn koppeling t.i.l. wedstriden mei de ranking
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen, gearkomste giet hjirmei akkoard.
- Foarstel Sjirk de Wal/Dronryp > ranking oanpasse ta ferbettering fan it keatsen:
  - Per syklus 4 f.f. wedstriden en 2 t.i.l. wedstriden (syklus bestiet dus út 6 wedstriden)
  - By oanfang syklus start de puntetelling

- Promoasje en degradaasje nei ôfrin fan eltse syklus
- De earste 8 partoeren (6 by de froulju) bliuwe yn de haadklasse, nûmers 9 en 10 (by de froulju 7 en 8) degradearre. Nûmers 1 en 2 fan de 1e klas promovearre.
- Miening KNKB:
  - De ranking sa't dy no is jout just romte foar ynstream fan keats(t)ers
  - De besteande ranking bestiet by foarkar út 8 wedstriden en in stjoerde lotting
  - it oantal skommelingen is statistysk besjoen net grut (yn de 1e jierren wol mar no net mear)
  - it fierder beheinen fan de skommelingen sil de trochstream net befoarderje, der komt just in taname fan in langer ferbliuw op in net winske nivo
- Foarstel KNKB om net mei te gean yn it foarstel  
De KNKB sil it rankingsysteem fierder optimalisearjen gean troch de fersteurde eleminten oan te pakken (trochde wykse wedstriden, beperkte/ûnbeperkte wedstriden, oantal dielnimmende partoeren, en de soart wedstriden yn oanrin nei de PC)
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen, gearkomste giet hjirmei akkoard.
- Foarstel KNKB > yntegrearre wedstriidaginda KNKB en alle federaasjes:
  - KNKB wol graach de breedtesport fasilitearre
  - Keatse op alle nivo's yn eltse regio
  - Mei yngong fan 2020 ien keatsaginda (sawol KNKB as federaasjes)
  - Weryndieling ûnder de 12 federaasjes: komme 5 regio's (4 yn Fryslân en de FBA) mei in bestjoer en in dúdlike taak/funksjeomskriuwing
  - De útfiering wurdt yn 2019 yn oerlis mei de hjoeddeistige federaasje en de oansletten ferienings fêststeld, ymplementaasje is yn 2020
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen, gearkomste giet hjirmei akkoard.
- Foarstel resp. KF Boalsert/KF Makkum > oantal prizen ferminderje + ferheegjen prizejild froulju
- Miening KNKB:
  - KNKB stelt foar om mei te gean yn dit foarstel mar wol mei de kanttekening dat se in rjochtline jaan wolle kwa prizen en prizejild mar dit net mear reglemintêr fêstlizze
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen mei de kanttekening dat it minimum oan prizejild wol reglemintêr fêstlein wurdt. Gearkomste giet akkoard.
- Jan Hiemstra: advys om KNKB te steunen, sa hâlde de ferienings frijheid.
- Foarstel Sjirk de Wal/Dronryp en KF Berltsum > ienlingenbelied oanpasse:
  - eltse keats(t)er kin in kear meidwaan oan de belangrykste wedstriden yn syn/har eigen kategory of boppe-lizzende kategory (NK, Freule, Ald Meiers)
- Dispensaasje foar maksimaal 1 keats(t)er per partoer
- Keats(t)er mei kieze foar hokker feriening hy/sy útkomme wol mar moat wol foldwaan oan de betingsten dat dit yn in neistlizzend postkoadegebiet is
- De feriening dy't in keats(t)er ôfstiet mei gjin partoer ôf-feardigje
- As der yn in ûnderlizzende kategory wol in KNKB keats(t)er is dan gjin dispensaasje
- o fdielingswedstriden moatte gjin f.f. wedstriden wurde
- Dispensaasje moat net in regel wêze mar in útsûndering
- Miening KNKB:
  - Kin sich fine yn de fisy
  - De neamde kriteria binne al opnommen yn de besteande procedure
  - Sil in oanpassing yn it reglemint dien wurde
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen, gearkomste giet hjirmei akkoard.
  - Sipke Hiemstra freget oft it bestjoer ek in miening hat oer wat te dwaan as der in 4e keats(t)er yn in feriening is, wat dogge je dêrmei?
  - Dirk-Yde: dêr ha we as bestjoer gjin miening oer, is it hammerstik ek net.
- Foarstel VVV Menaam en Sjirk de Wal/Dronryp > dielname meardere partoeren oan NK, Freule en Ald Meiers:
  - Ferskate ferienings kinne meardere partoeren ôf-feardigje nei in ôfdielingswedstriid en stekke in soad tiid yn it jeugdkeatsen wat resultearret yn meardere goede keats(t)ers dy't yn oanmerking komme foar in ôfdielingswedstriid
  - Feriening mei meardere partoeren meidwaan litte oan NK, Freule en Ald Meiers
  - Yn elk partoer moat minimaal ien keats(t)er opnommen wêze út de oangeande kategory
  - Tidens de wedstriid mei allinnich in ferfanging yn in partoer plakfine troch in keats(t)er dy't dy dei net op de list stiet
- Miening KNKB:
  - Kin sich fine yn it foarstel
  - Ferfangingsbelied wurdt opnaam yn it reglemint
  - Advys om it foarstel oan te nimmen mei útsûndering fan Freule en Ald Meiers: jildt dan foar de NK's foar de kommende 2 jier (2019 en 2020). Hjirnei evaluaasje en wurde de mooglikheden ûndersocht foar it tapassen fan dit belied by Freule en Ald Meiers
- Advys fan haadbestjoer om de KNKB te folgjen, gearkomste giet hjirmei akkoard.
- Jan Hiemstra: ek de Freule en de Ald Meiers soene hjir fuort oan meidwaan moatte, dat soe in rjocht wêze moatte foar de keats(t)ers  
Dirk-Yde: diskusje sil der fêst oer komme, se wolle no earst sjen oft it op de NK's befalt en it dan mooglik útwreidzje  
Tjeerd Dijkstra: dit is besprutsen binnen de Freule stifting, it risiko fan 2 partoeren út 1 doarp yn de finale is no noch te grut

## 10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits. Spitigernôch koe nimmen fan it haadbestjoer oanwêzich wêze by dizze gearkomste. Gjin wichtige saken te melden.
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize', Boudewijn Kramer krijt it wurd:
  - Grietje Bouma is de nije ponghâlder per maaie (opfolgster fan Coos Plantinga), Willem Twijnstra docht no de jildsaken.
  - René Velzen hat Jacob Kooistra opfolge
  - Bestjoer is hjirmei kompleet
  - Soad oerlizen mei de nije gemeente hân, wie dreech mar 3 wiken lyn is der melden dat de SKS € 24.000 per jier krijt fan de gemeente. Alle ûnderhâld bliuwt yn eigen hân, dit is foarearst foar 6 jier regele. Yn totaal krijt de SKS wol € 10.000 minder oan subsydzje, dit wurdt net trochberekkene oan de ferienings.
  - Wilco o veral nimt tydlik o etze Paauw (brek yn't bekken) syn taken oer kwa keuring fan de fjilden.
  - 20 april 'klusdei' om alles ree te meitsjen foar it keatsseizoen.
  - Komt wer in frijwilligersjûn.
- Tom Couperus: hoe komt it mei it grutte ûnderhâld?
  - Boudewijn: moatte we allegear sels dwaan, krije we gjin subsydzje foar.
- o fskied kommisjeleden:
  - Technyske kommisje: Robert Sijbesma
  - Jongereinkommisje: Fetsje Terpstra
  - Wedstriidkommisje: Anny Sjaarda
  - Finansjele - en stiperskommisje: Anco elgersma (net oanwêzich)

De ôfskiednimmende kommisjeleden wurde betanke foar harren ynset en krije út namme fan it haadbestjoer in bosk blommen oanbean.



Nije kommisjeleden:

- JK: Marijke Jellema
- WK: Tineke Kamstra
- PR: Judy Bergsma
- TK: Sietske o kema

Dêrneist binne Mattie en Wilma switcht fan kommisje:

Mattie is foarsitter fan de PR wurden en Wilma is foarsitter fan de WK wurden.

Wilma nimt de fakatueres troch:

Haadbestjoer	FMK en Skriuwer
Technyske kommisje	1 algemien lid
Websideredaksje	1 â 2 redaksjeleden
Jongereinkommisje	1 algemien lid
Wedstriidkommisje	frijwilligers/karmasters

As der wat tusken sit foar immen; meld jim by ien fan it haadbestjoer!

- Webside > Wiepkje: we binne dwaande mei in nije webside. We ha besocht de âlde webside te feroarjen/makliker te meitsjen mar dit wie sa yngewikkeld dat we besletten ha om in nije webside bouwe te litten. Jaring Rispen is der mei dwaande, it wurdt in moaie en mobyl-freonlike webside dy't nei ferwachting foar it nije keatsseizoen online giet. Mei dizze webside wurdt it ek in stik makliker om stikken en foto's te pleatsen.
- Lottingsploech > Wilma: de wedstriidkommisje soe graach in lottingsploech gearstalle wolle foar it lotsjen fan de ledewedstriden fan de senioaren. Der wurdt socht nei 4-8 man/froulju sadat der gemiddeld 4x per jier per persoan lotte wurde moat. Frijwilligers kinne sich oanmelde by Wilma.
- Keatskamp > Dirk-Yde:
  - Keatskamp is 1,2 en 3 maaie
  - Tema: kriichsmacht (leger)
  - 13 maart stunt op de basisskoalle en giet de opjefte fan start
  - it is foar kabouters o/m skoaljeugd
  - Stadichoan wikseling fan de wacht kwa kommisje: imke van der Leest en Marije Schurer dogge sa stadich oan in stapke werom, Selma de Boer sil dit jier meidraaie
  - Fansels wer help nedich foar pankoeken bakken, poetse ensfh.
- Kaderjûn > Dirk-Yde: sûnt we net mear in echte frijwilligerjûn hawwe wolle we toch graach wat foar ús kommisjeleden dwaan. 5 april sille we in ynteraktive jûn mei Siebe Kuipers ha; ideeën útwikselje, wat foar spearpunten moatte we ha foar de koartere en langere termyn ensfh. Ynrin is fan 19 oere ôf, start programma 19.30 oere
- Kompetysjekeatsen > Dirk-Yde: start kompetysjekeatsen jeugd is 7 maaie en foar de senioaren 9 maaie

- Gearwurking KF Wommels > Dirk-Yde: gearwurking mei KF Wommels opstarten; mienskiplike ledewedstriid, keats-off en generale frouljus PC binne takend oan KF Wommels en KF easterein, ideeën útwikselje, trainings binne mienskiplik organisearre, miskien foar de takomst dit noch útwreidzje mei oare ferienings om ús hinne?
- Trainerskursus KNKB > Bauke: dit jier wurdt der foar it lêst in fergeze trainerskursus oanbean troch de KNKB. Fanút easterein sille Roelie en Corrie Kroondijk hjir oan meidwaan. As der mear gadingmakers binne dan kin dit melden wurde by Bauke.

## 11. Wedstriidaginda 2019

- Wilma jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2019:
  - 23 wedstriden yn totaal:
  - 7 ledepartijen senioaren: 2 sneon, 4 snein, 1 tongersdei
  - 5 ledepartijen jeugd: 1 snein, 1 tiisdei, 2 freed, 1 sneon
  - 1 federaasjepartij senioaren: snein
  - 1 federaasjepartij jeugd: sneon
  - 6 KNKB wedstriden: 3 sneon, 1 snein, 1 woansdei, 1 tongersdei
  - Stipersdei: snein
  - Boeren PC: freed
  - Stiperspartij stiet iepen foar alle kommisjeleden en nei foarren helle (maaie yn stee fan septimber)

## 12. Lustrumjier – Kening op Sokken

- Wiepkje Hiemstra krijt it wurd en fertelt it ien en oar oer de keatsmusical dy't dit jier opfierd wurdt yn it kader fan it 115-jierrich bestean fan KF easterein. it wurdt in eastereiner feestje!

De cast en meiwurkers bestiet út ûndersteande minsken:  
De foarstellings binne op:

### Rezjy

Lodewijk Riethorst

### Rezjy-assistint

elisabeth Breeuwsmma

### Spilers

Akke Veldman  
Antje Stenekes  
Baukje de Jong  
Berend Santema  
Dirk-Yde Sjaarda  
Daniel van der Weerd  
Jelle de Boer  
Klaske Plantinga  
Siebolt Bouma  
Susanna Sijbesma  
Tineke Kamstra  
Tjerkje Kooistra

### Koar

Nathalie o liveiro (dirigente)  
elly Tiemersma  
Geertje van der Weerd  
Karin Sjaarda  
Mattie Dijkstra  
Talitha Dijkstra  
Tjerkje Kooistra  
Akke Veldman  
Anneke Porte

### Muzyk

Sjoukje Heins  
Simeon Sijbesma  
Pieter de Boer  
Paul Kool

- Woansdei 29 maaie  
try-out 20:00, €10,00
- Freed 31 maaie  
(útferkocht) premjêre  
20:00, €12,50
- Sneon 1 juny (útferkocht)  
foarstelling 20:00, €12,50
- Snein 2 juny  
foarstelling 16:00, €12,50

Kaarten binne te krijen  
by Wilma Sjaarda as by  
Bergsma easterein.



- Aksje foar Kening op Sokken: badeintsjerace op freed 24 maaie. Der wurde 3000 badeintsjes loslitten yn de Skippersbuorren dy't yn in trechter swimme moatte, hjir binne moaie prizen mei te winnen. Ynkoarten wurde hjir lotsjes foar ferkocht: € 2,- per badeintsje en 3 badeintsjes foar € 5,-.

## 13. Omfreegjen

- Sipke Hiemstra: wat is de status fan de keatsmuorre?
  - Dirk-Yde: it hat ús oandacht mar we binne op dit moment net by steat om hjir wat mei te dwaan, dêrneist wurdt de keatsmuorre yn de sporthal net folle brûkt en is de fraach yn hoefier de leden hjir behoefte oan ha, we sille fan't winter sjen oft we in klinik organisearje kinne, stiet op ús aksjelist
- Sipke Hiemstra: hekwurk en belining MFT lit te winsken oer, in moai hek der om hinne en nije belining soe wol kinne, kin jim kontakt mei de gemeente hjir opnimme?
  - Dirk-Yde: sille we oppakke
- Abe Jan Stegenga: kompetysje-keatsen senioaren rint werom, der moatte eins wat minsken by
  - Dirk-Yde: terjochte opmerking, sille we beprate yn it haadbestjoer
- Tom Couperus: kin der sjoen wurde om de opjettetiid foar lede-wedstriden yn te koartsjen? Miskien smyt dat mear minsken op
  - Romine: lestich mei prizen, kin we net op it lêste momint regelje
  - Tom: prizen kinne wol simpeler, dêr hoecht it net om oer te gean
  - Dirk-Yde: beprate we binnen it haadbestjoer

## 14. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.25 oere: "Tank foar jim komst en tank oan de froulju fan de PR (Akke Jikke en Greet) foar de katering. Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hûs. Mar oars, wol thús!"

2019 Stie yn it teken fan it 115-jierrich lustrum. Ien fan de hichtepunten fan dit lustrum wie de opfiering fan de musical 'Kening op sokken'.



# Kening op sokken

Doe't wy yn maaie 2016 as 'persoanielsuitje' de Bilatske bewurking 'Koaning op sokken' yn St. Anne besochten, hienen we nea betinke kinnen dat we yn it Himelfeartswykein fan 2019 der sels sa'n sukses mei krije soenen.

Fansels, ús hjoeddeistige foarsitter fan Keatsferiening easterein hie earder oan dizze musical meidien. Yn 1997, doe't Rients Gratama yn opdracht foar it 100-jierrich jubileum fan de KNKB dizze musical skreaun hie, fertolkte Dirk-Yde as 13-jierrige de rol fan lytse Jelle. Dêrom koenen de measte eastereiners de orizjinele ferzje en soe it stik net misstean yn easterein.

en sa binne we ein 2016 oan de slach gien. We ha it skript fan Rients Gratama silger krigen en waard Lodewijk Riedhorst nei in wiere sollisitaasje-proseduere as regisseur oanlutsen.

Wy woenen der in doarpsbarren fan meitsje, mei sawol ledekeatsers as toanielspilers en koarleden, en dat seagen net alle regisseurs siften. Wy woenen in persoan hawwe dy't dat 'mei-inoar gefoel' snapte. Boppedat woenen wy ek gjin audysjes, wy woenen de cast sels útsykje, dêr moast de regis-

seur op fertrouwe, sadat we seker wisten dat we minsken út alle lagen fan it doarp deryn belutsen. o m sa it mienskipsgefoel te kreëarjen.

Dus sa begûn de syktocht nei de cast. Yn oerlis mei de toanierferiening koenen wy in pear spilers liene. Fansels moasten der ek in oantal keatsleafhawwers oan mei dwaan, want ja, it stik gie oer it keatsen en easterein. en mei dizze útgongspunten hawwe we spilers frege sûnder dat sy wisten wêr't se oan begongen. Bysûnder wie ek dat ús foarsitter nei 22 jier no yn de hûd fan grutte Jelle krûpe soe. Ûndertusken, we prate oer heal 2018, wie de cast, ynklusyf koarleden, gruttendiels kompleet. ein 2018 wienen ek de musikanten bekend. Sa koe der fan novimber 2018 ôf repetearre wurde, earst yn de loads by Tjeerd en Mattie, letter yn de seal fan Bergsma.

efkes yn it koart wêr't it ferhaal oer gie: it spile him rûn 1900 ôf en gie oer keatsen en de leafde. Jelle wie in earme arbeiderssoan en hie 2 dreamen; it heechste plak yn de keatserij en syn freondintsje Aaltsje. Mar sy wie in rike boeredochter. Soe dat wol wat wurde kinne?



Dit foarme de reade tried fan it ferhaal. Hjirneist wienen der ek útstapkes nei de aktualiteit, ynspirearre op easterein, har ynweners en de leden fan Keatsferiening easterein. Dit alles waard mei 13 ferskes oplústere.

o m de foarstellings finansjeel mooglik te meitsjen ha we 24 maaie in badeintsjes-race op de Skippersbuorren holden. Mei help fan grut materieel en de brânwacht ha der 3000 badeintsjes fjochten om as earste oer de finish te swimmen. De stipe út it doarp wie hertferwaarmjend.

Yn maart begûn de foarferkeap, mar binnen no-time wienen der al 2 fan de 4 foarstellings útferkocht. Wy koenen per útfiering 30 plakken mear kreëarre en de kaarten giene as waarme broadsjes oer de toanbank sadat ek de 3e en 4e foarstelling útferkocht rekken. Dus we giene foar in 5e en allerlêste útfiering. en ek dy seal rekke fol.

Sa ha we foar sa'n 750 minsken in prachtige eastereiner ferzje fan 'Kening op sokken' sjen litte kinnen. We binne o sa grutsk op ús doarpsgenoaten, keats(t)ers, sjongers, muzikanten en frijwilligers.

Guon spilers hawwe talinten ûntdutsen dêr't se it bestean net fan wisten en it hat in protte nije freonskippen brocht. en dat wie úteinlik ús doel!

Karin Sjaarda, Mattie Dijkstra, Wiepkje Hienstra, Wilma Sjaarda en Tettje de Boer





## “Altijd kaatsen met een plan”

**Imke van der Leest (33) kan vandaag voor de vierde keer de Frouljus PC winnen. Na dit seizoen stopt ze als kaatsster. “Mar dat moat net in ding wurde.” Ze wil knallen vandaag.**

Wie de statistieken erbij pakt en gelooft in de wetmatigheid ervan, die zal op grond daarvan zeggen dat Imke van der Leest vandaag niet haar vierde PC-zege kan boeken. Ze krijgt immers om de vijf jaar de krans omgehangen. Voor het eerst was dat in 2007 het geval, in 2012 ging ze op herhaling, en in 2017 flikte ze het nog een keer.

“Sa kin ik it yn elk gefal maklik ûnthâlde”, zegt ze thuis aan de keukentafel in een prachtig verbouwde boerderij in easterein. Lachend: “Der ha al minsken west dy’t seinen dat ik noch trije jier keatse moat om nochris te winnen. Mar ik leau dat wy ek no de krânsen pakke kinne.” Dan, na een kleine pauze: “En boppedat stopje ik nei dit jier.”

Op dat laatste wil ze vooral niet te veel de nadruk leggen. Misschien dat ze eens extra om zich heen kijkt als ze eenmaal op het veld staat, wellicht staat ze af en toe stil bij het feit dat ze bezig is aan haar afscheidstournee. Maar daar moet het dus niet om gaan. “Ik wol net dat it in ding wurdt, ik wol my op it keatsen rjochtsje.”

Ze is de oudste en daarmee de meest ervaren vrouw van het kaatspeloton. Zeker in tactisch opzicht behoort ze tot de allerbesten. Kaatsen is meer dan een bal “ynbringe of boppe slaan”. Kaatsen is het slim plaatsen van een bal, zegt Van der Leest, is nadenken over de kracht of de zwakte van de opslager aan de andere kant, is vooraf een tactiek uitstippelen.



*“Keatse is soms krekt skake.  
Ik fyn it moai om altyd in stap  
foarút te tinken...”*

“Keatse is soms krekt skake. ik fyn it moai om altyd in stap foarút te tinken. Der binne in soad keatssters dy't gjin plan ha. 'Kom op en allez', hearst dan. en dat is it. ik wol altyd mei de kop keatse. As ik it perk yn stap mei Marrit (Zeinstra, red.), dan witte wy presys hoe't we stean en skowe moatte.”

Het had niet veel gescheeld of imke van der Leest, opgegroeid in Dronryp en in het dagelijks leven schooljuf in Harlingen, was na 2017 nooit weer op de velden verschenen. in de nacht nadat ze met Louise Krol en Sjanet Wijnia de PC had gewonnen en grote blijdschap zich van haar meester maakte, begon de vermaledijde 'stellerij' al. er werd vooral getrokken aan Wijnia, die uiteindelijk besloot dat ze verder zou gaan met ilse Tuinenga en Manon Scheepstra. “ik wie der kapot fan.” Blijdschap veranderde in verdriet. “it wie in rollercoaster.”

Twee weken eerder hadden Van der Leest en haar maten nog afgesproken dat ze hoe dan ook samen zouden blijven als partuur. Het was voor de voorinse aanleiding om er sowieso nog een jaar aan vast te plakken. Toen bleek dat haar partuur toch uiteen zou vallen, moest ze plotseling een cruciale vraag beantwoorden: “en no?”

Ze kwam tot de conclusie dat ze er klaar mee was. Van der Leest ging voor 2018 niet op zoek naar een nieuw partuur. Voor het eerst kon ze in de zomer een keer op vakantie. Met haar partner Dirk-Yde Sjaarda en twee vrienden trok ze drie weken lang door oostenrijk, Slovenië, Kroatië en Hongarije. Prachtig was het. Bijkomend voordeel: ze was niet thuis op de dag van de Frouljus PC. “ik hie 'm in jier earder wûn fansels, mar ik fûn it te pylklik om as taskôger oanwêzich te wêzen. en hie ik thús west, dan hie de dei hiel lang duorre.”

Op een wonderlijk mooie manier werd ze toch weer kaatster. Anouk Tolsma, op wie ze vroeger had gepast en wier ouders vroeger op de jonge imke van der Leest pasten, vroeg haar mee te doen op een partij voor eersteklassers. eenmalig, in Reduzum. Maaïke Joostema, een van de maten met wie ze de PC in 2007 had gewonnen, was het derde partuurlid. Het voelde perfect. en verrek, ze wonnen.

Op de terugreis naar huis besloot ze vervolgens in te gaan op het verzoek dat ze eerder van Nynke Sijbrandij had gekregen: met haar en Marrit Zeinstra wilde Van der Leest in 2019 wel een vrijeformatiepartuur vormen.

De consequentie was wel dat ze Martzen Deinum ernstig teleur moest stellen. Die had haar ook al gevraagd. “en ik hie al fasein dat ik mei har keatse soe. Wat my in jier earder oerk-aam wie, die ik har no oan. ik stie oan de oare kant. it wie echt in mindfuck.”

Ze kon de kans om met twee toppers te gaan kaatsen niet laten lopen. “ik wist: keatse mei Marrit en Nynke jout my de kâns om myn karriêre goed ôf te sluten. it mocht net einigje

mei it gedoch fan 2017. Dêrfoar ha'k it keatsen altyd te moai fûn.” inmiddels is het weer goed tussen haar en Martzen Deinum.

De klik met Sijbrandij (25) en Zeinstra (22) is er. Van der Leest is de lijm van het partuur, want ze houdt de boel bijeen. Ze is tegelijkertijd de olie, want ze zorgt dat het allemaal soepel loopt. De drie vertrouwen elkaar blind. “ik kin keatstechnysk sjoen genôch, mar bin net de grutste topper fan de trije”, zegt Van der Leest bescheiden. “Mar ik leau wol dat Marrit en Nynke dingen fan my oannimme. We foarmje echt in team.” een coach hebben ze niet. Heit Dirk van der Leest fungeert als klankbord. “o p fersyk fan Marrit en Nynke.”

Sijbrandij, Van der Leest en Zeinstra wonnen dit seizoen al zeven keer. Ze vormen vandaag in Weidum een van de twee favoriete parturen, naast dat van ilse Tuinenga, Sjanet Wijnia en Manon Scheepstra.

Toen Van der Leest twaalf jaar terug op 21-jarige leeftijd voor het eerst zegevierde op de PC, was ze niet eens in topvorm. “en dochs wûnen wy it. Dat ha'k altyd ûntholden. Hoehchst net altyd in 9 of 10 te heljen om in partij nei dy ta te lûken. Ast as partoer mar deeglik bist en gjin ballen sitte litst.”

Dat heeft ze ook haar maten verteld. Zeinstra en Sijbrandij wonnen de Frouljus PC nog nooit. “We wolle graach winne. Mar it is net sa dat it seizoen misleare is as it net slagget.”

*“Dat ik ek diel útmeitsje fan dy  
famyjetradysje, fyn ik wol hiel moai...”*


Haar muoike Sjoukje wijst haar af en toe op de familienaam, op de impliciete betekenis ervan, op de onlosmakelijke band tussen de naam Van der Leest en het kaatsen. Pake Marten won de PC drie keer en werd twee keer uitgeroepen tot koning. Heit Dirk zet zich onder meer als trainer en opleider van kaatstrainers al heel lang in voor zijn sport. Broer Marten was actief in de hoofdklasse. Bijzonder, vindt imke van der Leest. Heel bijzonder. Het maakt haar trots. “Dat ik ek diel útmeitsje fan dy famyljetradysje, fyn ik wol hiel moai.” Daar doet winst of verlies vandaag op haar laatste Frouljus PC niets aan af.



imke wûn in moaie twadde priis op har lêste PC.

## Woansdei 24 july 2019: de 15e Jong-Feintepartij

Hijum-Feinsum, mei de keatsers Hielke Beijering, Giancarlo Teitsma en Laas Pieter van Straten, wint de 15e edysje fan de Jong-Feintepartij yn Easterein. Yn de finale waard it partoer fan Winsum 1 mei de keatsers, Sipko Greidanus, Wessel Hilverda en Evert Pieter Tolsma, mei 5-3:6-6 ferslein. Op dizze stân twingt Hijum-Feinsum, Winsum ta in kweaslach en sa wint Hijum-Feinsum dizze spesjale junioaren ôfdielingswedstriid. Noch nea earder wûn ien fan dizze ôfdielings de Jong-Feintepartij. Hijum-Feinsum wûn al earder in priis, sy hienen foarrich jier de 2e priis en yn 2007 de 3e. Winsum hat yn 2017 en yn 2018 de 3e priis wûn.



Dizze 15e edysje waard der ek wer moai keatst en folop foar de prizen striden. o p de list stiene 29 partoeren, in nij rekord! Mar leafst 8 debutanten (Moarre-Ljussens, Balk, de Hommerts-Jutryp 1 en 2, Baard, Kimswert, Reduzum, Winsum 2) en 10 PC-keatsers stean op de list.

Hijum-Feinsum keatst de earste omloop tsjin Balk, mei in soad boppeslaggen, sels in pear op de jeu de boules baan, winne se mei 5-1:6-6. De twadde omloop hawwe se in steand nûmer en yn de tredde list folget it twatal út Mantgum. Mantgum komt op foarsprong mei 1-3, mar Hijum-Feinsum begjint dêrnei oan de ynhelrace. Sy nimme de lieding en meitsje de partij út op 5-4:6-2. Yn de heale finale wurdt der op nivo keatst troch sawol Frjentsjer as Hijum-Feinsum. Hijum-Feinsum pakt troch in retoerslach fanôf de boppe fan Hielke, de 2-0 foarsprong. Nei in buordsje op 6-6 en in moaie boppe-slach fan Laas Pieter stiet it 4-1. Frjentsjer begjint dan wat te bûkkeljen, mar nei in moaie triktrak wit Djurre Seerden it 5-3 te meitsjen. Hijum-Feinsum wint troch in opslachflater fan Frjentsjer op de stân fan 5-3:6-6.

Winsum 1 is de dei begûn tsjin Winsum 2. Winsum 1 wie in maatsje te grut wêrtroch dizze partij einige op 1-5:4-6. Yn 'e twadde omloop treffe se Berltsum. in moaie partij wêrby de partoeren oan elkoar weage binne. o ant trije earsten gelyk bliuwt it spannend. Dêrnei rint Winsum út nei 5-3 en einiget de partij troch de keats foarby te slaan. De tredde omloop nimme se it op tsjin Boalsert. Beide partoeren keatse om alle punten. Troch in sitbal en in boppeslach fan evert Pieter bringt hy syn partoer op in foarsprong fan 5-3. Boalsert jout net op en pakt noch in earst, mar dêrnei makket Winsum it út mei in fraaie boppeslach. Yn 'e heale finale moat Winsum tsjin Moarre-Ljussens. Spitigernôch wie Auke Boomsma út-fallen troch de hitte. De kears liket wat te dôvjen by it twatal fan Moarre-Ljussens. Winsum pakt de winst op 5-2:6-4 troch in bûtenslach fan Moarre-Ljussens.

Yn de finale begjint Hijum-Feinsum sterk, sy komme drekst op in 4-0 foarsprong. Winsum kin yn dizze earsten net genôch druk sette en hat wat te folle flaters oan de opslach. Giancarlo wit yn it fjirde earst de keats te behâlden foar Hijum-Feinsum, mar mei in triktrak fan wol fiif kear makket

Winsum yn dit earst de 4-4. in boppeslach fan evert Pieter en in kweaslach fan Laas Pieter bringt Winsum op de 4-1. Deselde Laas Pieter slacht gau de bal wer boppe, mei in foarslach fan Wessel en ien bûten fan Sipko, pakt Hijum-Feinsum de 6. it is evert Pieter dy't de bal trije kear direkt en fia it tuskenspul boppe slacht. Mar op 6-6 slacht hy kwea. Dit makket 5-1 yn it foardiel fan Hijum-Feinsum. o p 5-2:6-6 wit Winsum de keats te passearjen wêrtroch it 5-3 wurdt. it njoggende earst giet gelyk op. Mar op 5-3:6-6 twingt Hijum-Feinsum Winsum ta in kweaslach. Dizze winner soarget foar in nij doarp op de list fan winners fan de Jong-Feintepartij.

Noch in dikke plom foar alle keatsers, karmasters, skiedsrjochters en alle oare frijwilligers, sy moasten hjoed de hiele dei yn de sinne oan it wurk en it wie hjoed in tige waarme deil

### PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2019

#### 1. Hijum-Feinsum

Hielke Beijering, Giancarlo Teitsma en Laas Pieter van Straten

#### 2. Winsum 1

Sipko Greidanus, Wessel Hilverda en evert Pieter Tolsma

#### 3. Moarre-Ljussens

Siebe Feestra, Riemer Hoekstra en Auke Boomsma

#### 3. Frjentsjer

René de Haan, Djurre Seerden en Marco de Groot



## Feroarings binnen de wedstriidkommisje...

**We ha in drok jier effer de rêch; it lustrum ha we flink fierd! Mei in pear ekstra én grutte wedstriden waard de fernijde wedstriidkommisje flink op de proef steld.**

Mattie hat de kommisje ferlitten en Wilma hat har plak ynnaam as foarsitter. Dêrneist hat Tineke de taken fan Anny oernaam kwa katering by de KNKB wedstriden. Romine hat neist de wedstriidkommisje no ek in sit yn it haadbestjoer en is kontaktpersoan fan it bestjoer nei de kommisje.

Dêrneist binne ek Wietse en Mirjam nij yn de kommisje kommen. We moatte de taken noch efkes opnij ferdiele, mar it entûsjasme is der en dat is fansels it belangrykst!

Troch de sykte fan, âld-gediende, Tjerk moasten we hjir en dêr wolris om hulp freegje mar we ha mei mekoar de skouders der ûnder setten en in slagge jier hân.

o p it stuit fan skriuwen binne we alwer drok dwaande mei de wedstriidaginda foar 2020, alles moat wer yn mekoar passe en op elkoar ôfstimd wurde mar we dogge wer ús bêst om in moaie wedstriidaginda te meitsjen mei foar elk wat wils.

Yn 2020 hoopje wy der ek in moai en gesellich keatsjier fan te meitsjen, graach oant sjen op of om it keatsfjild!

De Wedstriidkommisje,

Wilma Sjaarda, Romine Jelsma, Tineke Kamstra,  
Tjerk Politiek, Mirjam Reitsma en Wietse Vink



## We ha in man fûn foar de Fjilden en Materialen!

**Omdat we yn 2019 noch net in opfolger hiene foar Christian, ha we as bestjoer de fjilden- en materiale-kommisje mei mekoar ûnder ús hoede naam. Lokkich stiet de opfolger yn 2020 klear! Ids de Boer sil it op him nimme. Dêr binne we fansels tige wiis mei.**

Fansels ha we ek ús 'fytte futters' dy't de fjilden lizze en de materialen byhâlde. Sa is yn de winter alles fan in nij ferfke foarsjoen en ha se de materialen neisjoen op mankeminten. Tige handich binne dizze mannen. Mjittinten wurde makke, der wurde nije pinnen yn de proppen setten, nije bannen of in bân plakke foar ûnder de bolderkar ensafierder. in wurd fan tank is foar dizze mannen dan ek seker op syn plak: **tank mannen foar jimme ynset en meilinken. We hoopje noch in protte jierren in berop op jimme dwaan te kinnen!**

Yn septimber ha we it materialehok tige goed opromme; in hynste-trailer fol spul is nei it stoart gien, alles is wer netsjes te plak setten en oanfage. Sa kinne we it nije seizoen mei in skjien en opromme materialehok starte.

Ut namme fan it haadbestjoer,

Wilma Sjaarda

## Fan 'e PR-Kommisje

### Wa binne wy?

Wy binne in entûsjast groepke frijwilligers dy't soargje foar alle PR aktiviteiten fan KF easterein. Fan súkseskaartsjes oant de ferieningsklean en noch folle mear! We dogge dit mei 6 froulju, Akke Jikke, Froukje, Greet, Jetske, Mattie en Judy. We hawwe ôfpraat dat we takom jier allegear mei deselde wille wer troch gean.



### Wa docht wat?

Froukje is ús brein foar wat it ûntwerpen fan alle flyers, kaarten, posters en boekjes oanbelanget. Akke Jikke hâldt alle hichtepunten by en is fansels haad keatsklean. Jetske fersoarget alles rûnom de Jong-Feintepartij. Greet is ús Frysk staverings talint en tegearre mei Froukje de driuwende krêft efter it jierferslach. Mattie soarget der as foarsitster foar dat alles op rôltsjes rint en Judy fersoarget de oantekens.

### Wêr binne wy mei dwaande west?

It ofrûne jier wie fansels in jubileumjier, KF easterein bestie 115 jier. Dat betsjutte foar ús ekstra wurksomheden. Sa as in ekstra grutte ferlotting by de Jong-Feintepartij, der is in grut stipersdoek realisearre, it oankundigjen fan it NK froulju en fansels noch folle mear.

### Wat stiet op 'e rol?

Kommend jier sille we besykje de KF To Ko wer wat nij libben yn te blazen. Yn de Skoalleseize sil in fotowand komme, de PR komisje sil hjir oan meiwurkje. Fierders steane fansels de 'gewoane' dingen wer op 't programma. Drokke genôch.

De PR-Kommisje,

Akke Jikke, Froukje, Greet, Jetske, Mattie en Judy



## TK siket gearwurking mei Wommels

As jimme dit lêze ha wy it keatsseizoen fan 2019 alwer efter de rêch en stean wy oan it begjin fan it nije keatsseizoen. It ofrûne jier wie it earste jier wêryn't wy as KF Easterein, ek wat de training oanbelanget, de gearwurking opsocht ha mei KF Wommels. Neist 'de Battle' wêryn't Easterein en Wommels tsjin elkoar stride, binne der ek in hiel soad oare saken wêryn't wy elkoar just hiel goed fine kinne.

Sa as de organisaasje fan de keats-off en de generale foar de frouljus PC en no dus ek de trainings foar de jeugd. By beide ferienings rûn de opjefte foar de trainings efterút en dan benammen by de âldere jeugd. Om dit op te fangen ha wy de groepen fan easterein en Wommels kombinearre sadat der wer yn gruttere groepen traint wurde kin. Dit hat ús en ek de jeugd poer bêst foldien.

Wy sille dizze gearwurking kommend jier dan ek fierder trochsette ûnder begelieding fan in mienskiplike komisje fan eastereiners en Wommelsers. Op dizze wize wolle wy it nivo fan de trainings, de trainers en úteinlik natuerlik ek de keatsers in 'boost' jaan sadat wy yn de breedte en ek yn de top wer stappen foarút meitsje kinne. Wy wolle graach wer safolle mooglik minsken dizze moaie sport belibje litte. Wy ha dêrom ek alwer sin yn it nije seizoen en wy hoopje jim ek!

Út namme fan de TK,

Bauke Dijkstra (foarsitter TK)



## Keatser fan it jier, stikem wol in ear...

Ien krânse, oait ha ik in earste priis wûn, ik wie doe in jier of 12, dêrnei ha ik nea wer keatst. Ik gie doe nammentlik troch mei fuotbal mar krige doe lêst fan de knibbel. Ik bin doe skiedsrjochter wurden fan de KNVB en ha sa'n 5 jier wedstriden fluite. Dêr bin ik mei opholden doe't ik myn earste hûs kocht, ik wie doe 21 jier. 'Klussen' waard doe myn hobby en we binne ûnderwilens 4 hûzen fierder. Al dy jierren wie myn ienige sportmoment it folleybaljen mei de doarpsfeesten en ik ha 11 kear de âlvestedetocht fytst. Ik wie dus gjin fanatike sporter mar mei in bytsje kracht komme je in hiel ein.

*"Hille jonge,  
do moast op keatsen!..."*

Ik bin wer begûn te keatsen doe't ik yn de oranjeferiening kaam. Elts jier keatste ik der op los mei de stiperspartij. Underwilens sit ik al moai wat jierren net mear yn de oranjeferiening mar no yn de Skoallegezelskip, sa keats ik elts jier noch mei mei de stiperspartij. Op it fjild en tidens it neisitten wiene der altyd wol minsken dy't tsjin my seine 'Hille jonge, do moast op keatsen!' ik seach dat sels net sa sitten, want mei de stiperspartij giet it makliker omdat we dan mei in grutte bal keatse en om no mei sa'n lyts baltsje yn de wear te gean like my net geskikt foar my. Dochs, út eins, nei sa'n 10 jier de stiperspartij keatse en op in jûn doe't ik sels net hielendal mear nuchter wie, ha ik tasein. Doe moast der fansels in sporttenú komme, in want, goeie skuon en it moat wol wat lykje, dus ik ha flink investearre.

Begjin maaie gie it seizoen los, klean oan en mei in soad nocht op nei it keatsfjild. Myn spieren wiene it der de earste kearen net sa mei iens. De dagen nei de earste kompetysjejûnen hie ik lêst op plakken dêr't ik net fan wist dat ik dêr lêst krije koe. Freegje Nynke mar, neffens har ha ik hiel wat ôfjammere. Tidens it keatsen ha we altyd in protte wille, dat stiet foar my foarop. It neisitten is ek altyd tige gesellich en duorret faak langer dan de partij sels, mar ja je moatte goed drinke as je sporte want je ferlieze in protte focht.

Ik ha gjin idee wêrom't ik útroppen bin ta keatser fan it jier. Der binne folle bettere keatsers dan ik en ik ha noch net sa folle prestearre, los dêr fan fyn ik it stikem wol in ear dat myn namme op dy beker komt.

As der dus mear sokke keatsers as my binne dy't it wol leuk liket mar tinke dat se der net goed genôch foar binne, tink dan mar efkes oan my en kom gewoan mar ris in kear mei dwaan!



*Hille Meijer*

# 2019 ... In weromblik fan de jongereinkommisje

Tidens de winterstop fan it fuotbal, traine we 4 kear yn de sporthal fan Easterein. Dit sil plakfine op de sneontemoarn. Tidens de jiergearkomste op 6 maart nimt Fetsje Schaap ôfskie fan de jongereinkommisje. Klaas Sixma syn termyn sit der ek op, mar lokkich bliuwt hy noch efkes by ús om û.o. de fjilden te lizzen, super!!!

Lokkich ha we Marijke Poelsma ree fûn om plak te nimmen yn de jongereinkommisje. Wolkom Marijke! We ha op 't stuit noch ien fakatuere, mar dêr wurdt oan wurke.

It keatskamp wie dit jier foar de sechsde kear en fûn plak op 1, 2 en 3 maaie. It tema wie dit jier 'Kriichsmacht'.

Yn maaie hiene we in flessebonaksje by de Jumbo. De aksje hat € 210,25 opsmiten!

De fjildtraining foar pupillen en skoaljeugd is yn gearwurking mei bern en trainers fan Wommels. Op 9 july waard it ôfsletten mei spultsjes en patat op it keatsfjild yn Wommels, ek de kabouters en welpen wiene derby.

Maaie wie in drokke moanne, op tiisdei 14 maaie wie wer de earste wedstriid. Op snein 26 maaie soene wy ús âlder/bernpartij hâlde, mar der wie spifigernôch te min belangstelling. Op freed 31 maaie, yn it himelfeartwykein, wie de jubileumpartij, omdat der wat te min dielname wie, ha we wat oan it skowen west en koe it gelokkich dochs trochgean, der is prachtich keatst!

Peter Stuiver draait fêst mei, as syn aginda dat ta lit, en sil takom jier plaknimme yn de jongereinkommisje, dêr binne wy fansels tige wiis mei!

Freed 30 augustus wie alwer de lêste partij fan dit jier, it nachtkeatsen. Lokkich dit jier mei prachtich waar! We begûnen oan 'e ein fan 'e middei mei patat, frikandellen en limonade. Foar de bern is it altyd in moaie partij, it is hiel oars om mei in grutte bal te keatsen, trije kear by in oar te sitten en fansels is it tige 'spannend' yn it tsjuster! Nei de earste omloop waarden de priiswinners fan de kompetysje ek bekend makke. Dat wie dan alwer de ein fan it keatsseizoen 2019.

Alle trainers, fjildlizzers, fjildmeaners, minsken efter de tillegraaf, wedstriidlieders, blokjerinners, barminsken, patatbakkers en oare helpende hannen, tige tank foar jimme ynset, geweldich!

No efkes in winterstop en dan sjogge we jimme graach wer yn it foarjier fan 2020.

De Jongereinkommisje,

Danny, Geertje, Marit, Klaas, Marijke en Annebeth

## Priiswinners kompetysjekeatsen 2019

### Kabouters

- 1e priis: Jildau Jellema (63 pnt)
- 2e priis: Hieke Jellema (56 pnt)
- 3e priis: Fenne Sijbesma (52 pnt)



### Welpen Famkes

- 1e priis: Renate de Groot (39 pnt, hat mear partijen wûn dan Sanne Frouk)
- 2e priis: Sanne Frouk Dijkstra (39 pnt)

### Welpen jonges

- 1e priis: Pieter Age v/d Weide (61 pnt)
- 2e priis: Thymen Santema (40 pnt)



### Pupillen famkes

- 1e priis: Brecht Stegenga (53 pnt)
- 2e priis: Fianne Dijkstra (51 pnt)

### Pupillen jonges

- 1e priis: Jarno v/d Weij (55 pnt)
- 2e priis: Jorn Hiemstra (39 pnt)

### Skoalfamkes

- 1e priis: Liset Sijbesma (33 pnt)

### Skoaljonges

- 1e priis: Ridzert Veldman (19 pnt)



# Finansjele- & stipekommisje

**It jier 2019 hat foar de Keatsferiening Easterein en dêrtroch ek foar de finansjele- & stipekommisje yn it teken stien fan it 115 jierich bestean fan de feriening. Hjirfoar hie it bestjoer, mei har ferskate kommisjes, tige nijs-gjirrige plannen betocht. Yn it jierferslach fan 2018 hie ik al de oertsjûging útsprutsen dat wy as finansjele- & stipekommisje, yn gearwurking mei it bestjoer en de oare kommisjes, der foar soargje soenen dat de ferskate plannen foar 2019 ek allegear finansjeel ferantwurde útfierd wurde sille. Mei in grut wurd fan tank oan ús trouwe stipersgroep en alle frijwilligers, mei ik wol sizze dat dit yn alle opsichten en benammen yn finansjeel opsicht, mear as slagge is!**

## Begrutting 2019

Mei in begrutting fan rûchwei 1,5 kear de begrutting fan de foargeande jierren, lei der in tige ambisjeuze útdaging foar de Keatsferiening easterein foar 2019. Benammen it opfieren fan de musical 'Kening op sokken' wie ferantwurdlik foar it tanimmen fan de begrutting. Mar ek in spesjale ledepartij, de federaasjedei mei in haadklasse partij manlju en froulju en it NK froulju kamen boppe op it 'gewoane' programma.

Krekt as foarrich jier ha wy as finansjele- & stipekommisje tafersjoch hân op' e begrutting foar de perioade fan 1-1-2019 oant de leden tidens de foarjiersgearkomste de begrutting formiel fêststelle. Dit is sa besletten yn ferbân mei it werom gean fan twa- nei ien ledegearkomste per jier (krekt as de KNKB). No wiene wy fanút ús rol as finansjele- & stipekommisje altyd al belutsen by it opstellen fan' e begrutting en it neilibjen derfan, mar no ha wy mei yngong fan 2018 dizze formiele tafersjoch taak derby krigen.

## Stipers

Foar it lustrumjier 2019, mei tal fan nijsgjirrige nije aktiviteiten, binne wy rom oer it begrutte stipersbedrach hinne gien mei rûchwei 30%. As fertroude basis koene wy wer in berop dwaan op ús grutte groep trouwe stipers. In oantal fan dizze stipers hat yn it ramt fan it 115 jierich bestean fan de keatsferiening in ekstra bedrach skonken. Dêr njonken wurde ek noch wurksumheden/aktiviteiten 'yn natuera' stipe, dy't net alliten sichtber binne, mar de keatsferiening wol ekstra helpe. Yn 2019 ha wy de dochs al grutte groep stipers wer útwreidzje kinnen mei in tal nije stipers en mei partikulieren dy't it keatsen yn easterein in tige waarm hert ta drage. Dizze partikuliere stipers hearre by de klub fan 50, en kinne fan dêrút ek mei dwaan by it stypjen fan de keatsferiening. Us stipergroep bestie foar 2019 út 60 stipers en hat mei har bydrage sa'n 30 % fan de totale opbringsten yn 2019 foar har rekken nommen.

Op snein 5 maaie ha wy wer ús jierlikse stiperspartij ferkeatst mei it bestjoer en ferskate kommisjeleden. Yn tsjinstelling ta foargeande jierren, wurdt de partij no ferkeatst oan it begjin fan it keatsseizoen. It wie dit jier in kâlde stiperspartij, de wintersportklean moasten oan, al giene yn de rin fan de dei hieltyd mear klean út. Foar it earst mochten neist de jildstipers ek de tiidstipers (kommisjeleden) meidwaan. Dit levere in bûnt keats selskip op en der waard wer fûleindich keatst mei

de sêfte bal, op it moaie keatsfjild yn easterein. Mei tusken-troch broadsjes, sop, gebak en hapkes en in slokje ta, binne ús stipers dy dei yn it sintsjie setten. Oan de ein fan 'e dei wie de priisútrikking, de krânsen wiene foar Stefan van Krimpen en Judy Bergsma. Wy kinne werom sjen op in tige slagge stiperspartij.

We priizje ús as keatsferiening easterein lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwt en somtiden sels ekstra stipet. Lâns dizze wei wolle we wer alle stipers, frijwilligers en oare ynstânsjes tige tank sizze.

## Fûnsen/subsydzje

Troch de ferskate ekstra aktiviteiten yn it kader fan it 115 jierich bestean, is ek de stipe fan de oerheid en de ferskate fûnsen needsaaklik. Wy binne bliid dat wy yn ús finansjele- & stipekommisje ien kommisjelid ha dy't it paad wit om te kommen ta de nedige subsydzje. Benammen it NK froulju en de musical 'Kening op sokken' binne aktiviteiten dy't foar subsydzje yn oanmerking komme. De bydrage fanút de gemeente Súdwest-Fryslân, de provinsje Fryslân, Streekwurk en it ûndernimmersfûns Wommels/easterein ha der mei foar soarge dat it NK froulju en de musical 'Kening op sokken' finansjeel sjoen lykom einige binne. In hiele prestaasje foar it organisearjen fan sokke 'mega produksjes' foar de Keatsferiening easterein.

## Aksjes

Ek yn 2019 binne wer ferskate aksjes west, wêrtroch ek de feriening mei har leden en frijwilligers, in substansjele bydrage levere hat oan it rûn krijen fan it finansjele plaatsje. De ferskate aksjes binne fan grutte wearde west foar it ynfoljen fan de ambysjes fan Keatsferiening easterein. Hjirby in koarte opsomming fan alle aksjes, dy't der hâlden binne dit jier: de badeintsje race, ferskate ferlottings mei de keatspartijen, flesse-aksje troch de jongerein, ús tradisjonele koeke-aksje yn it begjin fan it jier, de ferkeap fan PR artikels, de Rabo-lede-aksje en de opbringsten út GeKe en alle oare inisjativen.

De badeintsje race wie de grutte aksje foar benammen it diels bekostigjen fan de musical 'Kening op sokken'. Mei stipe fan de brânwacht út Wommels wie it in grut spektakel mei in protte publike belangstelling op 'e Skippersbuorren.

## Finansjele- & stipekommisje

Mei yngong fan 2019 is Anco elgersma ophâlden mei syn rol yn 'e finansjele- & stipekommisje. Sûnt 2007 hat hy al in sit yn de kommisje, earst as ponghâlder fan de Keatsferiening easterein en de lêste jierren as skriuwer en beheader fan de stiper-administraasje. Krekt as ús stipers binne ek frijwilligers as Anco de Keatsferiening easterein jierrenlang trou bleaun en binne se ûnmisber foar it fuortbestean fan ús keatsferiening. Selts no't Anco ophâlden is as kommisjelid, docht hy op' e eftergrûn noch wurksumheden foar de kommisje. Dêr binne wy him tige tankber foar.

De taken fan de finansjele- & stipekommisje binne oer 2019 sa ferdield west:

Tjeerd: foarsitter en stiperkontakten  
René: kontakt HB as ponghâlder, stiper-administraasje en stiperkontakten  
Tymen: fûnsen en stiperkontakten  
Hendrik o: algemien lid en stiperkontakten  
Hendrik K: algemien lid en stiperkontakten

De Keatsferiening easterein sil yn 2020 benammen ekstra ynvestearje yn ferskate aktiviteiten foar har leden en de oanwaaks fan nije leden. Wy as finansjele- & stipekommisje sille yn gearwurking mei it haadbestjoer en de oare kommisjes, der foar soargje dat dizze plannen ek allegear wer finansjeel ferantwurde útfierd wurde kinne.

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene taljochting hjirop fan ús ponghâlder René Rijpma.

## Stipers

### Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. easterein

### Haadstiper Jong-Feinte

Grafische Groep van der eems easterein

### Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V. easterein

Grafische Groep van der eems easterein

Leanbedriuw o kkema easterein

installatiebedrijf De Jong easterein

Bos Mechanisatie B.V. easterein

### Jildstipers

o ranjeferiening o ranje & Heitelân easterein

Couperus Hydrauliek B.V. easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje easterein

Posthuma Skilderbedriuw easterein

Bos Mechanisatie B.V. easterein

Leanbedriuw o kkema easterein

Grafische Groep van der eems easterein

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland Snits

MRW Accountants & Adviseurs Snits  
int. Handels- & Transportbedrijf Gebr. Vellinga B.V. easterein  
Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart Wommels  
Jan Hiemstra Frjentsjer  
installatiebedrijf De Jong easterein  
B. Sandstra Mesthandel en Transport easterein  
Gebroeders Faber Grafmonumenten easterein  
Autoschadeservice van Krimpen easterein  
Mitselbedriuw Bo U-plus Wommels  
Stifting Skoalleseize easterein  
Fo o X | Bergsma Franeker B.V. Frjentsjer  
Brouwers Schilders - Jimbar Wommels  
Mondzorg Harkema de Harkema  
Boubedriuw Bootsma B.V. Turns  
Jouke Huitema Nijlân  
Altac Coating Group Drachten  
Sporthuis A.P. van der Feer Boalsert  
Bakkerij Molkwat de Jouwer  
Skylk easterein  
HDM Pipelines B.V. Ljouwert  
Restaurant Bergsma easterein  
eCo style Group easterwâlde  
WD-Sat Wommels  
Rojo Steigerbouw Swifterbant  
Libertas Technical Solutions easterein  
Wiersma Administratieve- en fiscale dienstverlening Wommels  
Maatskip Kuiper easterein  
Alfa Accountants en Adviseurs Ljouwert  
Broekens ealahuzen  
Wheagan Wommels  
AB Vakwerk Snits  
Galema Chiropractie Snits  
Kamstra Steenhandel Hinnaard

### Natuerastipers

Juwelier Kramer Frjentsjer

Bloemsierkunst De Vlinder Wommels

Bakkerij Posthuma Wommels

Murk's Slagerij Wommels

Stichting de Freulepartij Wommels

Sporthuis A.P. van der Feer Boalsert

Restaurant Bergsma easterein

Tjeerd en Mattie Dijkstra easterein

Vebo Cheese Ljouwert

Coop Winsum

Poiesz Boalsert

### Klub fan 50

Klaas en Jeltje Pompstra easterein

Durk en Siemy Douma Kûbaard

eddy en Pep de Boer easterein

Yde en Anny Sjaarda easterein

Tjeerd en Mattie Dijkstra easterein

Hans en Dieuwke Kooistra easterein



### Aksjes yn sifers

Yn 2019 ha we de 12e edysje fan ús jierlikse koeke aksje hâlden. Begjin april waard der mei frijwilligers koeke ferkocht mei in netto winst fan **€ 858 (opbringst € 2.056, kosten € 1.199)**. Der waard dus spitigernôch behoarlik wat minder ferkocht as yn it foargeande jier (netto winst € 1.393). De oarsaak hjirfan is dat it tal frijwilligers dy't ree binne om te helpen weromrint. Rûchwei kinne je sizze dat it resultaat evenredich is oan it tal frijwilligers.

ek dit jier (30 en 31 maart) geane we wer by de doarren lâns, ast in oerke oer hast bist altyd wolkom om efkes te helpen! Fansels meie der ek bestellisten ynfolle wurde, sadat ek dyn kollega's fan dy hearlike koeken genietsje kinne! it soe moai wêze as we hjirtroch de omleechgeande trend keare kinne.

De fessebon aksje hat dit jier **€ 262** opsmitten. Dit jier wurdt dizze aksje yn moaie hâlden, dus it opsparjen fan flessen en kratten kin begjinne!

De Rabo ClubSupport aksje hat **€ 417** opsmitten, wat in knappe ferbettering is yn fergelyk mei it resultaat (€ 155) fan 2018. Hjirby moat wol oantekene wurde dat de opset fan 'e aksje ek wat oars is as de foargeande jierren. Dat nimt net wei dat der ek kommand jier wol wer in knap bedrach te heljen is as der knap stimd wurdt!

De ferskate ferlottings by de keatspartijen ha netto **€ 1.158** opsmitten. in moai bedrach foar de klub, wat spanning en miskien in pryske foar de lothâlder!

Minsken dy't de feriening in waarm hert ta drage wolle fia harren enerzjy leveransier, kin harren melde by GeKe. o er-stappe is ienfâldich, en it smyt dochs elts jier wer € 37,50 op foar de klub + noch ris € 37,50 foar it doarp! Yn 2019 ha wy fan GeKe **€ 112,50** krigen.

De badeintsje race hat **€ 2.017** opsmitten. Neist it feit dat it in pracht spektakel wie, is it ek in moaie kickstart west om in pracht produksje op poaten te setten.

### Realisaasje t.o.f. begrutting

De begrutting foar it stipe- en subsydzjebedrach foar it jier 2019 bedroech **€ 18.900 (stipe € 13.200, subsydzje/bydragen € 5.700)**.

Yn 2019 waard oan bydragen fan stipers, subsydzjes en (by-sûndere) bydragen in totaalbedrach ûntfongen fan **€ 27.210**. it bedrach bestiet út: stipers **€ 15.230**, subsydzje/bydragen **€ 11.980**. Dêrneist waard yn natuera in bedrach stipe fan **€ 1.570**.

Al mei al in behoarlik ein boppe de begrutting y.f.m. in oantal moaie meifallers.

De rekken 2019 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2020 presintearre.

De finansjele- en stipekommisje,

Tjeerd Dijkstra, Hendrik Kuiper, Tymen Dijkstra,  
Hendrik o kema en René Rijpma



# Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

**2019... Wat in jier, 2019 hat sawol finansjeel, sportyf as kultureel sjoen, in pracht jier west foar KF Easterein. Finansjeel sjoen it bêste resultaat oant safier ik werom sjen kin (2007) yn 'e boekhâlding. Op sportyf gebiet komt foaral it winnen fan it NK Famkes by my boppe driuwen en de útfiering fan Kening op Sokken mei dochs ek wol as in kultureel hichtepunt sjoen wurde. Hjir mei elkenien (stipers, leden mar foaral ek frijwilligers, sawol binnen as bûten it bestjoer of kommisjes) ferrekte grutsk op wêze.**

## Finansjele posysje

Oer 2019 ha we de aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden, nei reservearrings, mei in posityf netto resultaat fan € 6.846 ôfsletten. Yn ferbân mei dit prachtige resultaat ha wy besletten om no al fêst wat reservearrings te dwaan foar 2020. Sa ha wy bygelyks neist de gebrûklike reservearring fan € 100 yn it jier, € 200 ekstra reservearre dêr't de keatskampkommisje nije t-shirts fan keapje kin foar de liederen. It tegearre mei KF Wommels behelle positive resultaat fan de keats-off en de generale foar de frouljus pc is reservearre as startbedrach foar dizze partijen yn 2020. Fierder is der in bedrach fan € 1.560 reservearre foar materialen, ûnder oare proppen en in net foar it pelote-fjild. Ek is der rekken hâlden mei de resepsje dy't wy noch organisearje sille yn ferbân mei it NK famkes fan 2019. It gefolch fan dit resultaat is dat it eigen fermogen yn 2019 groeid is fan € 16.484 oant € 23.330.

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearings, stribbet it bestjoer fan keatsferiening easterein der nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 oan te hâlden. Yn de grafyk "Untwikkeling eigen Fermogen K.F. easterein" is dit jier foar it earst ek in boppegrins fan € 25.000 oanjûn. Wat my oanbelanget is it net goed om de sinten út te jaan mei it doel om ûnder dizze grins te bliuwen, mar it jout wol oan dat der romte is om ynvestearings te dwaan.

## Stipers

Ek dit jier meitsje de stipers wer in wichtich diel út fan de ynkkomsten fan de keatsferiening. Yn 2019 makke it stipersjild ûngefear 28% út fan it totaal oan ynkkomsten. Noch ris 28% waard binnen helle troch aksjes, 20% fan 'e ynkkomsten bestie út subsydjes en bydragen. Dêrneist komt 12% út kontribúsje en 3,5% út ynlisjiden by partijen.

As keatsferiening easterein binne we dan ek tige grutsk en tankber foar al ús stipers en alle minsken dy't, op hokker wize dan ek, in bydrage levere ha oan it resultaat fan 'e aksjes. Yn it bysûnder wol ik Tymen Dijkstra hjir efkes beneame om't hy in grut oandiel hân hat yn it regeljen fan 'e ferskate subsydjes. Tymen, ús tank is grut!

Oer 2019 hat ús keatsferiening in totaalbedrach fan € 27.210 (2018: € 14.055) oan stipe- en susydzejild ûntfongen. Dit bedrach is ferdield yn: stipers € 15.230 (2018: € 13.050), subsydze/bydragen € 11.980 (2018: € 1.005). Ek is der yn natuera foar € 1.570 (2018: € 1.310) stipe.

Foaral de post subsydze/bydragen is opfallend heech yn 2019. Dit hat te krijen mei ferskate subsydzes foar Kening op Sokken, wêrûnder in bedrach fan € 1.500 fan ondernemersvereniging Wommels en easterein. Foar it organisearjen fan it NK Froulju ha wy in moaie bydrage fan Gemeente SWF krigen.

Y.f.m. ús lustrum jier, ha wy mei súkses in winstdielingsregeling oanfrege by de Skoalleseize. Ferdield oer trije partijen (NK Froulju, federaasjedei en KNKB 50+) hat dit sa'n € 2.000 opsmitten.

Ek ha wy in bydrage (€ 1.100) út 'e Alfa Foundation krigen foar it oanskaffen fan nije ballen, dy't yntusken ûngeduldich yn it hok lizze te triljen.

## Resultaat

Sa as earder oanjûn, ha wy it boekjier 2019 mei in posityf resultaat fan € 6.846 ôfsletten, dêr wêr't de begrutting slutend wie. It ferskil wurdt berikt troch (yn fergelyk mei de begrutting € 8.467 mear ynkkomsten binnen te heljen en € 1.621 mear útjeften te dwaan.

It resultaat fan 'e organisaasje is útkommen op in € 613 en foar de wedstriden op € 6.233.

Op it gebiet fan organisaasje (begrutte resultaat € 2.687) is € 186 minder oan opbringsten binnen kommen, wylst der € 1.888 mear útjûn is.

By de wedstriden (begrutte resultaat -€ 2.687) is der € 9.678 mear oan ynkkomsten binnen kommen, wylst der € 758 mear útjûn is.

It resultaat op wedstriden is ûnderferdield yn KNKB (€ 5.010), federaasje (€ 1.159) en leden (€ 64).

## Begrutting 2020

Yn ferbân mei it lustrumjier lei de begrutting foar 2019 mei hast € 50.000, behoarlik boppe de begrutting fan in gemiddeld jier. Yn 2020 sil dit mei in dikke € 30.000 wer wat tichter by it gemiddelde lizze. De begrutting sil op 'e jierlikse ledegearkomste fierder taljochte wurde.

## Finansjele aksjes

Wy binne as feriening ôfhinklik fan frijwilligers. Neist it ynfolgen fan ien fan de fakatueres, binne der ek oare manieren om by te dragen oan it súkses. By dizze wol ik dan ek graach wer alle lêzers oproppe om safolle as mooglik mei te helpen oan finansjele aksjes yn 2020. Dat kin betsjutte: mei koeken lâns

*“Ast tidens it lêzen fan dizze taljochting kribels yn 'e bûk krigen hast fan fjoer, of krekt mei krûme teannen yn de skuon sitst omdatst fynst dat it kompleet oars moat: dan hast gelok!”*

de doarren, oerstappe nei GeKe en de jierlikse fergoeding hjirfoar (€ 37,50) oermeitsje litte nei de KF, stimme op 'e KF mei de Rabo Clubsupport-aksje of bygelyks in kear helpe om fjilden te lizzen (dat is dan wol gjin finansjele aksje, mar it wurdt ek tige wurdearre).

René Rijpma


### Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
organisaasje	613
Wedstriden	6.233
<b>Totaal</b>	<b>6.846</b>

PS. Ast tidens it lêzen fan dizze taljochting kribels yn 'e bûk krigen hast fan fjoer, of krekt mei krûme teannen yn de skuon sitst omdatst fynst dat it kompleet oars moat: dan hast gelok!

ik gean myn lêste jier yn as ponghâlder fan KF easterein! Dit betsjut dat it bestjoer op syk is nei immen dy't it stokje fan my oernimme wol. Dus, liket it dy wat, dan hearre wy it graach. ik sil dan mei leafde taljochtsje wat it op dit stuit ynhâld om ponghâlder te wêzen. Fansels frijbljuwend! Uteraard soe it moai wêze ast de oplieding foar finansjeel spesjalist cum laude ôfrûne hast. is dit net it gefal, dan ha ik wol in boekje foar dy dêr't genôch yn stiet om de funksje út fiere te kinnen: 'Boekhouden voor Dummies'.

2004	2005	2006	2007	2008		2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019
64	36	409	137	275	Kas	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374
2.345	79	312	427	268	Bank	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307
21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	Sparrekken	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000
				-190	Oerrinnende posten	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	-81	-130	2.596	530	1.293
					Mûnten (SKS)											450
					Reservearings						1.300	3.900	6.796	10.896	11.996	12.093
<b>24.041</b>	<b>16.562</b>	<b>16.664</b>	<b>9.450</b>	<b>12.234</b>	<b>Eigen fermogen</b>	<b>12.424</b>	<b>13.331</b>	<b>13.298</b>	<b>13.495</b>	<b>13.496</b>	<b>14.338</b>	<b>14.028</b>	<b>15.407</b>	<b>14.567</b>	<b>16.484</b>	<b>23.330</b>
20.991	-7.479	102	-7.214	2.784	Resultaat	190	907	874	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917	6.846



## Eksploitaasjerekken 2019

Saldy	31-12-2018	31-12-2019	Resultaat	
Kas	887	1.374	487	
Betelrekken NL17 RABo 0349 5019 04	1.064	7.307	6.243	
Sparrekken NL 62 RABo 3495 1248 61	26.000	25.000	-1.000	
Munten SKS	0	450	450	
o errinnende posten	530	1.293	763	
<b>Totaal</b>	<b>28.480</b>	<b>35.423</b>	<b>6.943 (Bruto)</b>	
<b>Baten</b>	<b>Begrutting 2019</b>	<b>Rekken 2019</b>	<b>Ofwiking</b>	<b>Rekken 2018</b>
Ynkomsten partijen	1.966	2.007	41	2.109
Stipersjilden	13.200	15.230	2.030	13.050
Kontribúsje	7.894	6.934	-961	7.413
Trainingen (seal/fjild)	1.500	846	-655	860
Donateurs	600	944	344	619
Aksjes	14.760	16.365	1.605	6.284
Subsydzje Gemeente	700	2.705	2.005	705
Subsydzje   Bydragen	5.000	9.275	4.275	300
Kreditrinte	5	3	-2	2
Keatsclinics	0	140	140	0
Ferskaat	4.325	3.970	-355	2.324
<b>Totaal</b>	<b>49.950</b>	<b>58.417</b>	<b>8.467</b>	<b>33.665</b>
<b>Lêsten</b>	<b>Begrutting 2019</b>	<b>Rekken 2019</b>	<b>Ofwiking</b>	<b>Rekken 2018</b>
Krânsen	2.143	1.444	-699	2.008
Prizen	6.711	5.849	-862	6.983
o rganisaasjekosten wedstriden	3.826	6.402	2.576	4.008
Hier sporthal	416	434	18	319
Hier sportfjilden/wetterskipslêsten	1.425	1.688	263	1.158
Hier oare saken	0	188	188	0
Trainers	750	798	48	463
Ferieningskosten	27.898	23.732	-4.166	9.352
Aksjes	1.915	2.593	678	1.853
Materiaal	1.273	4.949	3.677	1.789
Federaasje	100	100	0	100
K.N.K.B.	3.495	3.395	-100	3.716
<b>Totaal</b>	<b>49.950</b>	<b>51.571</b>	<b>1.621</b>	<b>31.748</b>
<b>Resultaat (Netto)</b>	<b>0</b>	<b>6.846</b>	<b>6.846</b>	<b>1.917</b>
<b>Reservearrings foar 2020</b>		<b>2.847</b>		
<b>Opname út reservearrings</b>		<b>2.750</b>		
<b>Resultaat bruto</b>		<b>6.943</b>		

## Ferklearring kaskommisje 2019

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei René Rijpma, ponghâlder fan keatsferiening easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2019 fan de keatsferiening easterein.

easterein, jannewaris 2020

De kaskommisje, Marit Kuperus en Geertje Sijbesma

## Taljochting op de eksploitaasjerekken 2019

Baten	Realisaasje t.o.f Begrutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Ynkomsten partijen	€ 41	-
Stipersjilden	€ 2.030	ekstra stipers
Kontribúsje	€ -961	Ferkearde berekking yn begrutting
Trainingen (seal/fjild)	€ -655	Minder trainingsynkomsten
Donateurs	€ 344	Klub fan 50
Aksjes	€ 1.605	Mear entree JFP + € 80 Minder opbringst koeke aksje -€ 950 Minder opbringst ferlottings -€ 160 Mear opbringst Rabo ClubSupport aksje +€ 270 Minder opbringst Badeintsje race -€ 2.420 Mear opbringst Flessebon aksje +€ 40 Mear opbringst Kaartferkeap KoS +€ 4.720
Subsydzje Gemeente	€ 2.005	Subsydzje foar NK Froulju wie net begrutte
Subsydzje   Bydragen	€ 4.275	Winstdieling mei SKS y.f.m. lustrum +€ 2.000 Bydrage út Alfa Foundation +€ 1.100 Bydrage Federaasje ta kompensasje kosten federaasjedei +€ 1.100
Kreditrinte	€ -2	-
Keatsclinics	€ 140	Wall ball Clinic
Ferskaat	€ -355	Minder opbringst ferhier partytinten -€ 200 Minder opbringst PR-artikels -€ 50 Minder opbringst Keatskamp -€ 110
<b>Totaal</b>	<b>€ 8.467</b>	
Baten	Realisaasje t.o.f Begrutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Krânsen	€ -699	Minder krânsen (80 y.p.f. 133)
Prizen	€ -862	Minder prizen (Mar ek mear prizen retoer +€ 120)
organisaasjekosten wedstriden	€ 2.576	Kosten federaasjedei +€ 565 Wall ball Clinic +€ 100 Mear Konsumpsjes +€ 700 Kosten Keatsclinic +€ 100 Publisiteitskosten +€ 75 Skiedsrjochterskosten +€ 495 Kosten NK Froulju +€ 380 Lisinsje Manlju haadklasse +€ 100
Hier sporthal	€ 18	-
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	€ 263	Federaasjedei omheining +€ 195 en springkessen +€ 60
Hier oare saken	€ 187,5	o efenromtes KoS
Trainers	€ 48	-
Ferieningskosten	€ -4.166	Kosten Badeintsje race -€ 2.200 (Realisearre ûnder Aksjes) Gjin reservearring dien -€ 2.750 Rezjy KoS +€ 585, Ljocht en Lûd KoS +€ 960, Sjongcoach KoS -€ 450, Rjochten KoS +€ 100, Sealhier + Katering KoS -€ 1.450, Foto en Fideo KoS +€ 300, Dekôr, klean + ferskaat KoS -€ 1.150, Konsumpsjes +€ 360 (lêste jûn KoS) Fergunning Keatskamp +€ 200, Himmelkosten klaaiboksen +€ 365 Reservearring Resepsje +€ 600, Attinsje Kaderleden +€ 200, Attinsjes -€ 100, Drukwurk +€ 500, Sponsoring webside -€ 300 (Mearjierrich lyts bedrach y.p.f. ienkear heech bedrach), Portikosten +€ 80
Aksjes	€ 678	Minder koeken -€ 350, Minder kosten ferlottings -€ 50 Mear kosten badeintsje race +€ 1.080 (begrutte ûnder ferieningskosten)
Materiaal	€ 3.677	Kwytrekke keatsballen + dissel Federaasjedei +€ 205 Keatsballen +€ 1.530, Materialen KoS +€ 520 Winnersboerd net realisearre -€ 250 Reservearring foar Mjittinten, MFT-net, Proppen +€ 1.660
Federaasje	€ -	
K.N.K.B.	€ -100	Minder ôfdracht
<b>Totaal</b>	<b>€ 1.621</b>	

## Yn de hâlding foar it sechsde keatskamp!

As jim dit lêze sit it keatskamp der alwer in hiel skoff op. Des te leuker is it om noch efkes nei te genietsjen mei foto's, wisten jo datsjes en djipke ynterviews. Dit kin ek op [facebook.com/keatskamp](https://facebook.com/keatskamp) en dit jier foar it earst op Instagram.



Al wie it fan te foarren bêst in puzzel om de begelieding rûn te krijen, alles foel úteinlik moai te plak. Sa moai om te sjen hoe't ek de minsken dy't der foar it earst by binne hiel natuerlik meinommen wurde yn it gehiel. As ekstra ûnderdiel dit jier, wie der in 'útdaach-flagge'. Wylst it keatskamp fierder gong, mochten de groepen elkoar ûnderling útdaagje mei 'planke', tikje, opslaan ensafierder. Dy flagge wie goed foar wol 15 bonuspunten, dat is net nik!

Fan de ynkomst, oant rekreaasje, fan de oanklaaiing yn de Skoalleseize oant de bûnte jûn, fan it tema ferske 'Captain Jack' oant diploma's... it leger wie net fuort te tinken út dit kamp. Trije machtich moaie dagen ha we hân en hjir binne wy as kommisje grutsk op. **TANK foar de ynset fan elkenien!**

### Dei 1: Woansdei 01-05-2019

Keatskamp nûmer seis mei as tema de kriichsmacht! De Skoalleseize lei fol mei takken, kamûflaazjekleuren, leger-sokken, helmen en ûnderbroeken oan de waskline. De lieding wie der klear foar. earst lâns de kontrôle fansels om striid-strepen op de wangen te krijen en om ûnder in tafel troch te tigerjen. De shirts moatte dit jier fertsjinne wurde, dus fuort mar los mei trainen. Rikkert de Kikkert krige ek trainen fan de kabouters en learde hokker foet foar stean moast.

De kabouters moasten earst noch mei de hannen yn de lym om mei papier maché helmen te meitsjen. Nei de broadsjes knak mochten de oaren dit ek dwaan. o p it lêst kamen der ek guon mei bledsjes en gers foar it echte kamûflaazje-effekt. en no mar hoopje dat it gau droeget. De bern dy't klear

binne meitsje alfêst de flagge foar de rekreaasje fan moarn: team read tsjin grien.

No tiid om wat te tsjillen, tafeltennisjen, fuotbaljen (sjen) en wat sijkjes. en ja, dochts echt op bêd.

Mar noch net allegear. De skoaljeugd wurdt noch efkes yn de buert dropt mei de meinommen rauwe aaien. De bern sels tochten al dat se hielendal yn Snits brocht wienen! in spannende reis werom dwers troch de fjilden. Mei polsstokken de boereplons en mei trije wiete rakkers as gefolch. Wat in lucht fan dy blauwe drek! ek de skoaljeugd op bêd, lekker koese, moarn der wer foar.



## Dei 2: Tongersdei 02-05-2019

Tongersdeitemoarn, it is rêstich wylst we oan it moarnsbrochje sitte. Fan de skoaljeugd is dat te begripen, sy hawwe de moarnsrin alwer yn de fuotten. Mar de rêst duorret net lang, tiid foar de twadde training. It is mei in lyts buike noch te dwaan om de ballen te kearen, op- en út te slaan. De earste skoares foar de diploma's wurde ek alwer helle. Nei it trainen mei syn allen lunch mei in hapke bôle of beskút. Allegear teambuilding by it troch jaan fan de bûter en hageltsjes!

Tusken de middei it doarp yn foar 'Libjend Stratego'. De griene en reade flaggen mei, goed ferstopje en ferdigenje. Suer spannend! Nei in tuskenstân fan 1-1 waard it úteinlik 2-1. In soad tiid om te tsjillen wie der net, want de folgjende ronde fan trainen stie alwer op it programma. Allegear moasten se tusken troch de papieren helmen spuitsje en fervje, mar ek noch it spuitsje driuwbal dwaan, mei echte wetterballonnen. Alle bern koenen elkoar út daagje tidens it kamp, mar de bern daagden de lieding ek noch út om te foetbaljen. Nei in 1-0 efterstân, wist de lieding dochs noch de bern yn te meitsjen mei 3-1, hoppa!

Ûnder de dûs, oan de makaroany (makke troch de twa toppers Fetsje en Baukje Terpstra!) en op nei de bûnte jûn. Presintatoren Fianne en Sander praatten de jûn flitsend oan elkoar. Fan kwissen oant dûnskes op de Pasapas en Snollebollekes, fan beskút smarre sûnder hannen (lekker no imke...) oant hiele toanielstikken dy't oant de puntsjes ta betocht wiene.

Noch efkes dûnsje en kete, en jawol.. op bêd!

## Dei 3: Freed 03-05-2019

De moarn begjint gewoanwei mei in ferrassings kessengefjocht fan de bern, mar dizze kear wie de lieding se foar. Mei de megafoan kamen se subtyl om de hoeke sjen. Dit lieten de bern fansels net gebeure en namen revâns mei in kessengefjocht! Nei it moarnsbrochje stie der noch in drok programma te wachtsjen. earst nei bûten, want mei in minefegerspultsje en it meitsjen fan in puzzel koe elke kategory de kampshirts sykje. Dy binne no echt wol fertsjinne! De lêste bonuspunten wurde binnen helle (auto's binne wer super poetst!) en alle snoeppapierkes, smoarge sokken en lege luchtbedden wurde opropme. Tiid foar in ûnderlinge keatswedstriid. It begjint yntusken al wat hurder te waaien, mar we ha it noch bêst troffen.

Healwei tolven. Tiid foar pankoeken! It liket wol oft de bern in pear dagen gjin iten hân ha, dit is smullen geblazen. Nei dizze koalhydraten op nei it lêste ûnderdiel, wat in ôfsluten-de survival wie. Op en rûnom it terrein binne allegear klim-, sleep-, til-, slinger-, lûk- en balansear ûnderdielen klear setten. Teamwork om elkoar oer de sleat te helpen en om de spierballen goed te brûken. De ien kaam der wat skjinner of wieter út as de oare. It lêste bytsje enerzjy krigen we der sa ek noch wol út.

We slute ôf mei de útrikking fan de Keatskamp-bokaal en dit kear gean de pupillen jonges der mei de winst fan troch. Sy ha de measte bonuspunten by elkoar sproktele. As lêste krige elke 'soldaat' syn of har diploma mei de prachtige aksjefoto en is elkenien 'geskikt' befûn foar it leger.

It hat wer in geweldich moai kamp west, allegear tige TANK!

### Wisten jo dat...

... De iene ûnderbroek yn de waskkoer tsjin de oare sei 'sille we op fakânsje?' dat de oare doe sei 'ik bin al brún genôch!'.  
... Fianne tongersdeitejûn efkes gjin fraach hie foar de lieding?  
... Imke net mei de noas, mar mei de teannen yn de bûter foel?  
... Hieke sels troch dûnset as har helm oant oer har eagen hinget?  
... De lieding wat oer Redmer yn siet, omdat hy wat stil wie en net safolle iet? Mar dat hy dit freedtemiddei efkes goed ynhelle hat mei syn 9 pankoeken?

### Wisten jo dat...

... We allegear marsjearje as we it ferske 'Captain Jack' hearre?  
... Dat we dêrnei in legergroet dogge? en dat Pytrik dêrop sei: 'Groete? Dat doch ik net, de groeten!'  
... Rikkert de Kikkert wol 15 meter opslaan kin? Mar net sa goed útslaan kin?  
... Bauke Jan en Sanne Frouk beide in lek luchtbed mei krigen hiene?  
... Thymen boeren lit omdat hy kola drinkt?  
... Ridzert, Jesper en Judith mei it fierljeppen yn de sleat fallen binne?

*Oant takom jier!*

Marco, Marije, Selma, Sieta en Imke



# Wedstriidferslaggen

## LEDEWEDSTRIDEN

### 27-04-2019: Keningsdeipartij – Oranje & Heitelân

o p Keningsdei hat tradisjoneel wer de earste ledewedstriid fan it seizoen plak fûn. Hjirby is it altyd ôfwachtsjen wat foar waar oft it wurdt. De iene kear kin op 27 april de koarte broek mei slippers oan en de oare kear moatte de mûtse en wanten út de kast helle wurde. Dit kear wiene de waarberjochten op foarhân ek net sa geweldich. Mei it oantal graden nimt faaks ek it oantal opjeftes ta wêrtroch dat yn earste ynstânsje in bytsje op harren wachtsje liet.

Uteinlik kaam it dochs goed op gong en koene wy mei in moaie list fan yn totaal 16 partoeren los. Der waard keatst yn 3 klassen en de measte partoeren bestiene út twatallen. o an de ein fan de dei kamen de ûndersteande partoeren as winners út de bus.

#### A-klasse Manlju

1e priis: Peter Sijbesma  
Douwe Durk Reitsma

2e priis: erwin de Boer  
Roel Sijbesma  
Tom Couperus

1e priis ferl.: Peter Stuiver  
Johannes Hazenberg

#### B-Klasse Manlju

1e priis: Jan Bouke Bouma  
Geert Dijkstra

2e priis: Jelle de Boer  
René Rijpma

#### Froulju

1e priis: Janieke Dijkstra  
Mattie Dijkstra

2e priis: Jitske Plantinga  
Dian Dijkstra

Al mei al in tige slagge dei.

### 14-05-2019: Ledepartij Jongerein

Tiisdei 14 maaie stie de earste ledepartij foar de jongerein wer op it programma. De jongerein, de âlders en de jongerein-kommisje wiene allegear entûsjast om der wer in moaie keatsdei fan te meitsjen. Spitigernôch koe de jongerein-kommisje net folslein oanwêzich wêze by de start fan dizze dei. Lokkich wiene der in pear fanatike famyljeleden fan de jongerein oanwêzich om te soargjen dat dizze dei goed ferrinne koe. Hjirfoar ûs tank!

Mar sûnder ús jongerein kin der net keatst wurde. Se ha spannende partijen sjen litten. Boppeslaggen en sitballen, mar ek fleurige kopkes en positive wurden tsjin harren maten. Sa sjogge wy dat graach!

By de kabouters waard der yn in poule keatst mei fjouwer twatallen. Sa koene alle kabouters opslaan en yn it perk. De measte kabouters ha al in jier keatst en dat is ek wol te sjen. De kabouters begripe it spultsje en binne tige fanatyk.

De welpen keatsten hjoed ek yn in poule fan fjouwer. Hjir wie 1 partoer fan trije en 3 partoeren fan twa. Dit kear binne der 2 twatallen mei de prizen fan troch gien. o p 1 earst koe it trijetal krekt gjin priis yn de wacht slepe. Wa't de priiswinners wurden binne sjogge jim hjirneist.







By de pupillen wie de opkomst grut. Hjr waard yn 6 twatallen keatst yn it saneamde 'Snekersysteem'. Hjrby keatst elts partoer út de iene poule tsjin elts partoer út de oare poule. Nei trije omlopen wurdt der teld wa't de measte earsten hat. Hjoed waard wol wer dúdlik dat it by it poule keatsen dochs giet om sa folle mooglik earsten pakke, ek al winne je net alle wedstriden, dan kinst dochs noch mei in priis nei hûs gean.

By de skoaljeugd/jeugd keatsten der 7 bern om de krânsen. Trochdat hjir trije partoeren wiene, koe eltsenien 1 omloopke fan it sintsje genietsje.

#### Kabouters

1e priis: Fenne Sijbesma & Marrit v/d Weij

2e priis: Steffen Schram & Pytrik Ynema

o mdat wy bliid binne dat dizze entûsjaste kabouters der allegear wiene op dizze earste wedstriid, krigen ek de bern sûnder priis in moaie medalje. De medaljes wiene foar: Jildau Jellema, Renko Ynema, Berber Sijbesma en Hieke Jellema.

#### Welpen

1e priis: Lars Steehouwer & Thymen Santema

2e priis: Pieter-Age v/d Weide & Bauke Jan Dijkstra

#### Pupillen

1e priis: Jorn Hiemstra & Theunis Ynema

2e priis: Brecht Stegenga & Noa o ttens

3e priis: Geertje v/d Weide & Tjitske Joustra

#### Skoaljeugd / jeugd

1e priis: Redmer Wiersma & Ridzert Veldman



#### **30-05-2019: Lustrumpartij**

Tongersdei 30 maai wie ús lustrumpartij. KF easterein bestiet yntusken alwer 115 jier! o m dit te fieren wie der op Himelfeartsdei in partij foar ús leden. Froulju en manlju keatsten yn aparte klassen. it waar siet mei; it wie droech mei sa no en dan in sintsje. Spitigernôch waaide it wol hurd, wêrtroch it opslaan foar guon lestich wie. Liset Sijbesma die as skoal-famke mei by de senioaren froulju.

De froulju keatsten yn in poultse mei 4 partoeren. Alle partijen wiene tige spannend, sjoen it feit dat de partijen allegear einigen op 5 earsten gelyk. it partoer fan Jitske Plantinga, Petra Jellema en Karin Sjaarda wûnen beide partijen en koene dêrom oan de ein fan de dei de krânsen omhongen krije. it partoer fan Sieta Tessemaker, Marjan Flapper en Liset Sijbesma waard twadde. Liset har earste wedstriid by de senioaren en gelyk in moaie priis.

By de manlju waard der in 'gewoane' list keatst mei 10 partoeren. De gong moast der dus wol yn, woene we mei 4 omlopen op tiid klear wêze. Lokkich wurken de mannen hjir goed oan mei en koe eltsenien op tiid in bierke drinke.

Somtiden waard der spannend keatst mar in pear wedstriden giene ek rap. Uteinlik gie de finale yn de ferliezersronde tusken Marten Faber, Tjerk o kkeema, Bas van der Wey en Harm Auke Dijkstra, Bauke Jan Plantinga, Sjouke Schilstra. it wie in spannende finale dy't pas einige op 5-5:0-6 yn it foardiël fan it partoer fan Marten Faber.

Yn de winnersronde koe it partoer fan Peter Stuiver en Jan Vellinga it yn de heale finale net rêde tsjin it partoer fan Syb o veral en Hille Meijer en hjirtroch moasten sy tefreden wêze mei in tredde priis. De finale gie tusken it partoer fan Syb o veral, Hille Meijer en Johannes Hazenberg, Sipke Hiemstra. it wie foar Hille syn tredde wedstriid dêr't hy oan mei die en no al yn de finale. Syn partoer koe it krekt net winne yn de finale; se ferlearen mei 3-5:4-6. De winners, Johannes Hazenberg en Sipke Hiemstra, wiene oer de hiele dei in deeglik partoer en de terjochte winners.

'Glêsbloazery 't Quakeltje' út eksmoarra hie spesjaal foar ús lustrum glêzen keatsballen op in standert ûntworpen en makke, dêrfoar tank! ek tank oan de stipersgroep fan KF easterein foar it mei mooglik meitsjen fan dizze partij!

#### Froulju

1e priis: Jitske Plantinga, Petra Jellema, Karin Sjaarda  
2e priis: Sieta Tessemaker, Marjan Flapper, Liset Sijbesma

#### Manlju

1e priis: Johannes Hazenberg, Sipke Hiemstra  
2e priis: Syb o veral, Hille Meijer  
3e priis: Peter Stuiver, Jan Vellinga

#### Ferliezersronde

1e priis: Marten Faber, Tjerk o kkeema, Bas van der Wey  
2e priis: Harm Auke Dijkstra, Bauke Jan Plantinga,  
Sjouke Schilstra

#### **31-05-2019: Lustrumpartij jongerein**

o p in sinnige freed nei himelfeart waard de lustrumpartij foar de jongerein keatst. Troch it moaie waar en it hawwen fan in frij wykein, wiene der aardich wat famyljeleden en oare keatsleafhawwers oanwêzich om de bern oan te moedigjen. Hjirtroch koe de jongereinkommisje rekkenje op genôch help dizze dei! Yn totaal tsien partoeren; wêrfan fjouwer by de kabouters/welpen en seis by de pupillen.



#### Kabouters / Welpen

Hjoed ha de kabouters en welpen meiinoar yn ien kategory keatst. Troch alle oare aktiviteiten yn dit wykein wiene der te min bern om yn de eigen kategory te keatsen. Lokkich koene we mei fjouwer kabouters en seis welpen in moaie poule meitsje, wêrtroch alle bern dochts keatsje koene. De kabouters ha efkes priuwe kind oan it keatsen by de welpen en ha fêst oefenje kind foar takom jier. Se ha keatst yn in grutter fjild en mei in lytser baltsje. Dizze fjouwer kabouters ha yn elts gefal hjoed sjen litten dat sy wol hast klear binne foar it stapke nei de welpen.



De winners fan hjoed wiene de échte winners. Se hiene trije kear wûn en mar sân earsten tsjin. o m it twadde en tredde plakje wie it noch spannend. Want tusken de nûmers twa en trije siet mar ien earst. De twadde priis gong nei it partoer mei sechstjin earsten foar en fjirtjin earsten tsjin.

1e priis: Femke Paauw, Jerryd Schram & Sanne Frouk Dijkstra  
2e priis: Fenne Sijbesma & Tryntsje de Jong



it ferskil tusken de nûmers ien en twa waard hjoed, achterôf sjoen, al makke yn de earste omloop. Dizze beide partoeren keatsten in partij mei alles oan 'e hang en soarge foar de beslissing tusken it earste en twadde plak. Nei dizze spannende partij, hie it winnende partoer de smaak te pakken en krigen sy noch mar twa earsten tsjin!

1e priis: Sibrand Stremmer & Tjitske Joustra  
2e priis: Jarno v/d Weij & Jorrit Stap  
3e priis: Jorn Hiemstra, Lars Steehouwer & Noa o tzens

### 09-06-2019: Pearkekeatsen

Sa as gebrûklik op 1e pinksterdei it tradisjonele pearkekeatsen. Der waard yn trije klassen keatst. Hjirûnder kinne jim de útslaggen fine.

#### A klasse

1e priis: Sybren Poelsma en Sietske o kema  
2e priis: Robert Sijbesma en Wiepkje Hiemstra

#### B klasse

1e priis: Bote Jellema en Anouk van Berkum  
2e priis: Harm Auke Dijkstra en Tineke Kamstra  
1e priis ferl.: Tymen Dijkstra en Dian Dijkstra

#### Pupillen

By de pupillen wie hjoed in moaie opkomst, hast eltse pupil wie hjoed oanwêzich. Tidens it wurdse fan wolkom dizze dei, waard frege oan eltsenien om sportyf te keatsen en posityf tsjin de maten te dwaan. Hjir ha alle pupillen goed nei lustere en sels it oanmoedigjen fan de tsjinstanner wie hjoed hiel gewoan! Natuerlik wie it wol efkes balen as je ferlieze, mar eltsenien gunde it elkoar hjoed ek. Prachtich om nei te sjen! Der waard ek spannend keatst, twa kear moast it fjild leech omdat it 5-5:6-6 wie.



#### C klasse

1e priis: Tom Couperus  
en Talitha Dijkstra  
2e priis: Stefan v/d Velde  
en Jacqueline Buma  
1e priis ferl.: Mebius de  
Boer en Petra Jellema

Tank oan ús stipersgroep  
foar it mei mooglik  
meitsjen fan dizze partij!



### 13-07-2019: Ledepartij Jongerein

o p sneon 13 july wie de lêste wedstriid foar de simmerfakânsje. Nettsjinsteande de drokte en wurgens fan de lêste skoalwike, waard der prachtich keatst! We begûnen mei in lyts snifferke, mar dêrnei wie it droech en it wie net kâld!

Der wie spitigernôch net in soad opjefte, nettsjinsteande dat, wie it in tige slagge dei! elkenien in moaie simmerfakânsje tawinske!



#### Kabouters/welpen

1e priis: Renate de Groot, Fenne Sijbesma en Pytrik Ynema  
2e priis: Sanne Frouk Dijkstra en Marrit v/d Weij

#### Pupillen

1e priis: Jorn Hiemstra en Marijn de Groot  
2e priis: Sander Velzen en Tjitske Joustra

### 30-08-2019: Nachtkeatsen jongerein

Freed 30 augustus wie alwer de lêste partij fan dit jier, lokkich dit kear mei prachtich waar! o an 'e ein fan 'e middei begûnen we mei patat, frikandellen en limonade. Foar de bern is it altyd in moaie partij, it is hiel oars om mei in grutte bal te keatsen, trije kear by inoar te sitten en fansels 'spannend' yn it tsjuster!

Dit wiene de priiswinners.

#### Kabouters / Welpen

##### A-maat

1e priis: Pieter Age v/d Weide  
2e priis: Jildau Jellema  
3e priis: Femke Paauw

##### B-maat

1e priis: Jerryd Schram  
2e priis: Hieke Jellema  
3e priis: Sanne Frouk Dijkstra  
4e priis: Berber Sijbesma

#### Pupillen

##### A-maat

1e priis: Brecht Stegenga  
2e priis: Sander Velzen  
3e priis: Fianne Dijkstra





#### B-maat

- 1e priis: Marijn de Groot
- 2e priis: Sibrand Stremmer
- 3e priis: Tjitske Joustra

#### Skoaljeugd

- 1e priis: Liset Sijbesma
- 2e priis: Ridzert Veldman

#### 31-08-2019: Nachtkeatsen senioaren

Unwaar en rein dearde de keats(t)ers net, mei 23 manlju en froulju op papier koene we 3 moaie listen ferkeatse. Troch it waar giene we wat letter los mar om 21.30 oere koe de earste bal slein wurde.



Yn de 1e omloop ien drege en lange partij: Sieta en Petra tsjin Jitske en Karin it waard 5-5:6-2. De 2e omloop liet wat minder spannende partijen sjen mar yn de 3e omloop wie noch in drege partij wêr't noch folop om de krânsen strieden waard: Robert en Peter hiene in noflikke foarsprong fan 5-1 tsjin ids en Rémon, sy kamen knap werom oant 5-5 mar moasten yn it lêste earst dochs belies jaan.

Troch de rein in wiet fjild wat tal fan glydpartijen, falpartijen en skowers oplevere. it wie somtiden in wier spektakel om nei te sjen. Dat dêrmei ek wolris in oare keats(t)er meinaam waard yn de fal namen we dan ek mar op de keap ta!

#### A klasse

- 1e priis: Peter Stuver (21 foar - 9 tsjin)
- 2e priis: Wietse Vink (21 foar - 11 tsjin)
- 3e priis: Robert Sijbesma (21 foar - 11 tsjin)

De nûmers 2 en 3 hiene like folle foar- en tsjinearsten. Wietse hie 2 tsjinpunten minder yn de lêste earsten en wûn dêrmei de 2e priis.

#### B klasse

- 1e priis: René Rijpma (19 foar - 11 tsjin)
- 2e priis: Jitske Plantinga (15 foar - 13 tsjin)
- 3e priis: Jan Bouke Bouma (15 foar - 14 tsjin)

#### C klasse

- 1e priis: Kirsten Bijlsma (21 foar - 9 tsjin)
- 2e priis: Petra Jellema (21 foar - 11 tsjin)

Tank oan Bauke Jan en Durk dy't de bar draaiende hâlden ha, super mannen! Fansels ek tank oan de stipersgroep fan KF easterein foar it mei mooglik meitsjen fan dizze moaie partij.

#### 15-09-2019: Slotwedstriid

De slotwedstriid op 15 septimber 2019 wie tige slagge, der waard û.o. keatst mei stroaiprizen. Der wie in springkessen, barbecue, ferlotting en in gesellige neisit. Alle priiswinners fan hjoed en it ôfrûne seizoen waarden huldige.

Dizze dei waard mei mooglik makke troch ús stipersgroep en de ekstra lúkse krânsen waarden beskikber steld troch Faber Grafmonumenten.

#### A-klasse

- 1e priis: Dirk-Yde Sjaarda (21 foar - 7 tsjin)
- 2e priis: Robert Sijbesma (21 foar - 10 tsjin)
- 3e priis: Marten Faber (19 foar - 10 tsjin)

#### B-klasse

- 1e priis: Abe Jan Stegenga (21 foar - 10 tsjin)
- 2e priis: Tjerk o kkema (19 foar - 7 tsjin)
- 3e priis: Tymen Dijkstra (19 foar - 10 tsjin)

C-klasse

- 1e priis: Tineke Kamstra (21 foar - 6 tsjin)
- 2e priis: Karin Sjaarda (21 foar - 11 tsjin)
- 3e priis: Hendrik o kkema (21 foar - 14 tsjin)

Kompetysje oantinkens 2018:

- 1e priis: Bauke-Jan Plantinga en Jitske Plantinga
- 2e priis: Jan Vellinga en Wilma Sjaarda
- 3e priis: Tymen Dijkstra en Mattie Dijkstra

Kompetysje winners 2019:

- 1e priis: ids de Boer en Wilma Sjaarda
- 2e priis: Sipke Hiemstra en Jitske Plantinga
- 3e priis: Hans Kooistra en Klaske Plantinga

Bysûndere priiswinners:

**1e priis NK famkes:** Roelie Kroondijk, Nynke Paauw en Corrie Kroondijk mei koach Ype Tiemersma,  
**1e priis EK Wall-ball ûnder de 17 jier & ynternasjonaal spul:** Corrie Kroondijk

**2e priis frouljus PC:** imke v/d Leest

**3e priis frouljus PC:** Jeska Terpstra

**Oantinken keatser fan it jier 2018:** Corrie Kroondijk

**Keatser fan it jier 2019:** Hille Meijer

eltsenien tige tank foar dit prachtige jubileumjier!  
Stipers, vrijwilligers en leden, graach oant it oare jier!



### 15-12-2019: Sealkeatsen

It keatsseizoen is al in oantal wiken foarby en dat wie spitigernôch ek te sjen oan de opjefte. Yn totaal wiene der 11 leden dy't harren opjoen hiene foar de sealkeatswedstriid. Dêr hiene natuerlik noch wol in oantal by kinnen mar y.f.m. Sinteklaasfiering en oare droktes slagge dat net. De wille wie der fansels net minder om. Mei 11 keatsers op de list waarden der 3 ferskillende listen ferkeatst. Nei in soad spannende partijen, inkele geweldige boppeslaggen en ferskate bysûndere atletyske aksjes, giene ûndersteande minsken der mei de prizen fan troch.

#### A-klasse

1e priis: Tjeerd Dijkstra (19 foar - 15 tsjin)

2e priis: Rémon Tie Bouma (18 foar - 11 tsjin)

#### B/C-klasse

1e priis: Tymen Dijkstra (21 foar - 9 tsjin)

2e priis: Sipke Hiemstra (21 foar - 10 tsjin)

3e priis: Tom Couperus (19 foar - 15 tsjin)



Nei de tiid ha wy mei syn allen noch efkes gesellich sitten. Takom jier mar wer en dan hoopje wy natuerlik wer op wat mear dielname.

## WEDSTRIDEN FEDERAASJE

### 16-06-2019: Leanbedriuw Okkema partij

Under skitterende waarsomstannichheden waard 16 juny de o kkema partij ferkeatst. It wie de 36e kear dat Leanbedriuw o kkema dizze partij stipe. Wat is it dochs moai dat sa'n partij al sa lang bestiet. Troch omstannichheden is de útslach net kompleet, mar ûndersteande eastereiners foelen yn de prizen:

Harm Auke Dijkstra en syn maten wûnen de krânse yn de A-Klasse. Robert Sijbesma, Feite de Haan en Gert Jan Hiemstra gongen mei in 2e priis nei hûs.

By de manlju C wûnen Hans Kooistra, Abe Jan Stegenga en Martin o veral de krânse.

Op de foto sjogge jim de winners mei in delegaasje fan de famylje o kkema.

### 06-07-2019: Federaasjedei

Wat wie it wer in moai barren: de federaasjedei! Yn ferbân mei ús 115-jierrich lustrum wie de federaasjedei dit jier foar de 3e kear yn easterein.

Om 10 oere mochten we earst sa'n 65 jeugdige keats(t)ers ferwolkomje op sportpark "de Skoalleaseize". Nei 3 omlopen waarden de prizen útdield troch de Kening en Keninginne fan de manljus én frouljus PC fan ferline jier: Allard Hoekstra en ilse Tuinenga.





### Welpen jonges en -famkes

#### A klasse

- 1e: Floorke de Boer
- 2e: Sverre Stobbe
- 3e: Doutzen Twijnstra
- 4e: Sjoerd Breeuwsmma
- 5e: Zenn Hoitinga
- 6e: Luuk van Dalfsen
- 7e: Yorick Visser

#### B klasse

- 1e: Rens Bos
- 2e: Jesper Boukes
- 3e: Siard de Graaf
- 4e: Maren de Vries
- 5e: Foke Marij Bakker
- 6e: Lars Haarsma
- 7e: Marrit Hoekstra

### Pupillen jonges en -famkes

#### A klasse

- 1e: Sander Zijlstra
- 2e: Johannes de Boer
- 3e: Jetske Zijlstra
- 4e: Sander Velzen
- 5e: Fianne Dijkstra
- 6e: Hiske Bos

#### B klasse

- 1e: Ruben Hendriks
- 2e: Marit van der Meer
- 3e: Klaske Gaastra
- 4e: Jildou Twijnstra
- 5e: Anna Marit Twijnstra
- 6e: Jeljer-Sjoerd Kooistra

### Skooljeugd jonges en famkes

#### A klasse

- 1e: Wessel Zijlstra
- 2e: Judith van der Weerd
- 3e: Afke Marij van der Goot
- 4e: Jurjen van Dalfsen

#### B klasse

- 1e: Cees Dedmer Kramer
- 2e: Hessel Jonker
- 3e: Andries Geertsma
- 4e: Sacha van Vugt

om goed 14 oere wie it de beurt oan de haadklasse manlju t.i.l. en froulju t.i.l.. > sjoch WeDSTRiDeN KNKB

## WEDSTRIDEN KNKB

### 19-05-2019: Famkes A + B klasse t.i.l.

Yn ús jubileumjier mochten wy hjoed de famkes A en B klasse t.i.l. ûntfange yn easterein. Mei prachtich keatswaar waard der sportyf keatst. De (klup)skiedsrjochters hiene it net dreech yn dizze kategory. De fammen keatse fûleinich mar earlik. Lit it in moaie opstap wêze nei de froulju's kategory!

Yn de A klasse waard der mei 4 partoeren poule keatst. Der stuts 1 partoer boppeút. Partoer 1 mei Fiera, inge en Gerde wûnen 3x en sa wie it dúdlik dat de krânsen foar harren wiene.

oer de 2e priis moast de wedstriidlieding efkes te set; sawol partoer 2 mei Anna, Roelie en Corrie as partoer 3 mei Rixt, Anouk en Marije hienen 16 punten foar. Hjirtroch moasten de tsjinearsten teld wurde en die bliken dat partoer 2 oan it langste ein luts mei 12 tsjinearsten om 15.

#### A klasse

- |           |                           |               |
|-----------|---------------------------|---------------|
| 1e priis: | Fiera de Vries            | Seisbierrum   |
|           | inge Jansma               | Dronryp       |
|           | Gerde Lycklama á Nijeholt | it Heidenskip |
| 2e priis: | Anna Rob                  | Winsum        |
|           | Corrie Kroondijk          | easterein     |
|           | Roelie Kroondijk          | easterein     |

Yn de B klasse wiene der 11 partoeren dêr't yn earste yn-stânje bylotten wurde moast. Troch in ôfmelding en in hiele rappe ankelblessuere koe der trochskowd wurde en bleaune der 10 folsleine partoeren oer.

Yn de winnersronde gie de finale tusken partoer 7 mei esmee, Alise en Chantal en partoer 10 mei Jessie, esther en Rixt. Dit waard 5-1:6-4 yn it foardiel fan partoer 10.

Yn de heale finale ferlear partoer 2 mei indy, iris en Anke mei 5-4:6-0 fan de lettere winners.

Yn de finale fan de ferliezersronde wûn partoer 1 mei Foke Jil, Nynke en Bente mei 5-3:6-4 fan partoer 8 mei Jildou, Marije en iris.

#### B klasse

- |           |                 |          |
|-----------|-----------------|----------|
| 1e priis: | Jessie Rekker   | Boalsert |
|           | esther de Vries | Berltsum |
|           | Rixt Blanke     | Boalsert |



2e priis:	esmee de Groot Alise Steenstra Chantal de Witte	Stiens easterbierrum Makkum
3e priis:	Lisanne Leijenaar Marrit Meijer Senne idsardi	Boalsert Wommels Dronryp

*Ferliezersronde*

1e priis:	Foke Jil Bakker Nynke Paauw Bente Miedema	Tersoal easterein Warkum
-----------	---	--------------------------------



Mei tank oan de karmasters, âlders en oare frijwilligers en ús haadstiper Couperus Hydrauliek ha we in tige slagge dei hân!

**22-06-2019: KNKB NK Froulju**

easterein 1, mei Sietske ockema, imke van der Leest en Jeska Terpstra, ferliest yn de earste omloop fan de 2 Doarpen mei 3-5:6-6. easterein 2, mei Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Corrie Kroondijk, ferliest yn de earste omloop mei 5-1:6-6 fan Ried.

Wommels, mei Hester Bruinsma (falt yn foar de blessearre Anna-Brecht), Anna-Brecht Bruinsma, Sjanet Wijnia en Martsen Deinum, wint it NK. Mantgum wint de 2e priis en der binne 3e prizen foar de 2 Ljouwerter partoeren.

**06-07-2019: Federaasjedei**

Wat wie it wer in moai barren: de federaasjedei! Yn ferbân mei ús 115-jierrich lustrum wie de federaasjedei dit jier foar de 3e kear yn easterein. o m 10 oere mochten we earst sa'n 65 jeugdige keats(t)ers ferwolkomje op sportpark "de Skoalleseize" > sjoch WeDSTRiDeN FeDeRAASJe.

o m goed 14 oere wie it de beurt oan de haadklasse manlju t.i.l. en froulju t.i.l.. By sawol de manlju as froulju stie der in eastereiner yn de finale: Bauke Dijkstra koe it krekt net risse mei syn maten en ferlear de finale mei 5-4:6-2. imke van der Leest en har partoergenoaten wiene dúdlik te sterk foar harren tsjinstanners en wûnen de finale mei 5-0:6-0.



### Manlju

- 1e priis: Marten Bergsma, Gabe-Jan van Popta en Laas Pieter van Straten  
2e priis: Bauke Triemstra (bylotte foar de blessearre Jelle Attema), Bauke Dijkstra en Tjisse Steenstra  
3e priis: enno Kingma, Marten Feenstra en Thomas van Zuiden

### Froulju

- 1e priis: ilse Tuinenga, imke van der Leest en Melissa Rianne Hiemstra  
2e priis: Anne Monfils, Margriet Bakker en Martzen Deinum  
3e priis: Anne Berber Zeinstra, Jeska Terpstra en Jennie Terpstra (bylotte)

### **15-08-2019: KNKB Keats-off Froulju**

Foar it earst de keats-off foar de frouljus PC yn easterein. Yn gearwurking mei KF Wommels wurde de keats-off en de generale om beurten yn Wommels en easterein organisearre. De publike belangstelling wie grut! Moai foar de froulju dy't noch om it lêste plakje foar de PC stride!

De nûmers 12 o/m 15 fan de rankingslist komme hjirfoar yn oanmerking. o m 16.30 oere mochten de froulju sels lotsje en koe ûndersteande list opsteld wurde:

- |  |   |
|--|---|
| 1. Hester Zijlstra<br>Anke Winkel<br>Simona Kootstra | 2. Nicole Hempenius<br>Mintje Meintema<br>Miranda Scheffer  |
| 3. Serena Hovenga<br>Lobke Vlasbloem<br>Aluca Bouma  | 4. Wybrig Bakker<br>Hiske Zeinstra<br>Fiera de Vries (ferfangster fan<br>Melissa Rianne Hiemstra) |

Under lieding fan skiedsrjochter Sipke Hiemstra gie de 1e omloop om eksakt 17.00 oere los. Nei lyk oprinnende partij en waarden de finalisten Hester Zijlstra c.s. (winst mei 5-3:6-4) en Serena Hovenga c.s. (winst mei 5-5:6-0). De finale wie alles behalve spannend, Serena en har maten stiene op skerp en wûnen mei 5-1:6-2 en pleatsten sich sa-dwaande foar de frouljus PC op woansdei 21 augustus yn Weidum.

### **24-08-2019: KNKB manlju 50+ A en B klasse t.i.l.**

o p 24 augustus 2019 mochten wy yn in lekker waarm sintsje de manlju 50+ t.i.l. ferwolkomje.

De mannen keatse yn 2 klassen. De A klasse hie 2 poules fan 4 en de B klasse keatste mei in list fan 14 partoeren. Der diene mar leafst 11 eastereiners mei, dus dat der guon yn de prizen foelen, koe hast net misse. Foar in oantal wie it harren debút, dus wa wit smakket dit nei mear en kinne wy yn 2020 mei yn elts gefal 3 partoeren nei it NK.

Yn de A klasse kamen de partoeren 4: Simon Kingma, Ludwig Seerden en Bertus Bootsma en 5: Piet Zondervan, Durk Punter en Piet Machiela yn de finale te stean. Beide partoeren hiene yn harren poule alles wûn. De finale waard mei 1-5:6-6 wûn troch partoer 5.

Yn de lytse finale stiene de partoeren 3: Tiede Boorsma, Hans Diekman en Jan Heida en 7: Jan Sipma, Tjeerd Dijkstra en Ype Tiemersma tsjinoer elkoar. Sy wiene 2e yn harren poule wurden mei 17 en 18 earsten foar. Normaal is it om de 3e priis of neat, mar hjoed hiene wy der in 4e priis by, dizze priis wie beskikber steld troch in keatser dy't al it hiele jier de 4e priis wûn en himsels dus no mar op safe sette. Lokkich foar him, wûnen sy dizze lytse finale mei 3-5:4-6 en hat hy sels syn 1e klassemintspunt fan dit jier helle.



By de B klasse in soarte fan gelyk ferhaal. ek hjir in ekstra priis hjoed, de 2e yn de ferliezersronde. As je 4 kear keatse moatte en ek noch ûnder dizze waarme waarsomstannichheden, fine wy it op syn plak dat dy 2e priis ek útrikt wurdt. it kaam no hielendal moai út, want it betref ek noch ús haadstiper. De finale gie tusken de partoeren 1: Wibe Hoitenga, Age v/d Goot en Tom Couperus en 10: Theunis Piersma, Ale Mosselman en Gerrie o tter en waard mei 4-5:4-6 wûn troch partoer 10.

Yn de winnersronde wie it allegear wat minder spannend. By de heale finale wiene de útslaggen tusken de partoeren 13: Paulus Strikwerda, Henk Mulder en Sjouke de Groot en 2: Sikke Koster, Tymen Dijkstra en Bauke Posthuma 2-5:6-6 en tusken de partoeren 5: Jan Brandsma, Wybren v/d Woud en Tjerk o kkema en 9: Dirk Poortstra, Joop Bootsma en Henk Hellinga 5-1:6-2. Dêrmei kamen partoer 2 en partoer 5 yn de finale te stean. Dit wie ek reedlik gau beslikke, want op 1-5: 0-6 makke partoer 5 de partij út. Al wie it wol faak op 6-6 seine de mannen.

#### A klasse

- 1e priis: Piet Zondervan, Durk Punter en Piet Machiela
- 2e priis: Simon Kingma, Ludwig Seerden en Bertus Bootsma
- 3e priis: Jan Sipma, Tjeerd Dijkstra en Ype Tiemersma
- 4e priis: Tiede Boorsma, Hans Diekman en Jan Heida

#### B klasse

- 1e priis: Jan Brandsma, Wybren v/d Woud en Tjerk o kkema
- 2e priis: Sikke Koster, Tymen Dijkstra en Bauke Posthuma
- 3e priis: Paulus Strikwerda, Henk Mulder en Sjouke de Groot
- 3e priis: Dirk Poortstra, Joop Bootsma en Henk Hellinga

1e priis ferl.: Theunis Piersma, Ale Mosselman en Gerrie o tter  
2e priis ferl.: Wibe Hoitenga, Age v/d Goot en Tom Couperus  
Graach wolle wy eltsenien tank sizze foar dizze slagge dei, yn it bysûnder ús haadstiper Couperus Hydrauliek en alle frijwilligers, karmasters, klubskiedsrjochters en kateraars.

## **BYSÛNDERE AKTIVITEITEN**

### **05-05-2019: Stipersdei**

in kâlde stiperspartij dit jier, de wintersportklean moasten oan, al giene yn de rin fan de dei hieltyd mear klean út.

Foar it earst mochten neist de jildstipers ek de tiidstipers (kommissjeleden) meidwaan. Dit levere in bûnt selskip op, op ús moaie keatsfjild. Sa as altyd wiene de manlju en froulju 3 x troch inoar lotte yn twatallen en waard der keatst mei de sêfte bal. it wie wer in wier spektakel om nei te sjen.

Nei de ûntfangst fan foarsitter Dirk-Yde wie der earst tiid foar sop, broadsjes en bypraten. o m goed 13 oere waard de earste bal slein. De earste omloop wie ridlik rap dien sadat we om 14 oere al oan de 2e omloop begjinne koene. Dizze

partijen wiene in stik dreger en spannender, krekt sa as yn de 3e omloop. Hjir waard noch folop strieden foar de krânsen en poedelprizen.

#### A maten:

- 1e priis: Stefan van Krimpen (21 foar - 5 tsjin)
- 2e priis: Dirk-Yde Sjaarda (21 foar - 7 tsjin)

#### B maten:

- 1e priis: Judy Bergsma (21 foar - 5 tsjin)
- 2e priis: Hille Meijer (18 foar - 11 tsjin)

#### Poedelprizen:

- A maat: Danny Roos (6 foar - 18 tsjin)
- B maat: Tom Couperus (7 foar - 18 tsjin)



We ha in tige slagge dei hân. Nochris tank oan al ús stipers: sûnder jim kinne wy net!!!

### **26-05-2019: Alder/bernpartij**

Der wie net genôch dielname en dêrom is dizze partij net trochgien.

### **24 juny o/m 5 july 2019: Iepen Frysk Kampioenskip**

#### **Jeu de Pelote – Easterlittens**

Foar easterein stride Bauke Dijkstra, Jan Schurer, Marten Faber, Dirk-Yde Sjaarda en Robert Sijbesma. Spitigernôch gjin súkses foar easterein, se ferlieze yn de foarrondes fan Grou mei 5-5:40-40. De lettere winner is Ljouwert.

### **14-07-2019: Keatsbattle KF Easterein – KF Wommels**

Dit jier wie de organisaasje yn hannen fan keatsferiening Wommels. o mdat Wommels ferline jier mei in ludike aksje nei easterein kaam, moasten wy fansels ek wat betinke. Mei in stik of 8 motors om de keatsers hinne, binne we op 'e fyts yn kolonne oer de dyk nei Wommels gien. in prachtich gesicht wie dat. Minsken kamen ûnderweis al foar de ruten om te sjen wat der te rêden wie op sneintemoarn.

Mei goed 20 eastereiner keatsers ha we it net oprêden om de wikselsbeker mei nei easterein te krijen. Wommels wie te sterk dizze kear. De tredde helte wie wol hiel gesellich en it oare jier sille we besykje om de grutte trofee wer nei easterein te heljen.



## JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

### 29-06-2019: Jong Fammen Partij – Mantgum

Foar easterein keatse hjoed Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra en Corrie Kroondijk. Se ferlieze yn de 1e omloop fan Marsum mei 4-5-6-6.

### 31-07-2019: PC – Frjentsjer

o p de manljus PC fan 2019 diene 2 eastereiners mei, Jelte Pieter Dijkstra en Bauke Dijkstra, beide mannen giene der yn de earste omloop ôf.



Der wiene ek twa blokjerinners út easterein oanwêzich, Liset Sijbesma en Brecht Stegenga. Sy mochten de hiele dei de blokjes by de haadklasse keatsers del lizze. Se ha in prachtige dei hân, nei ôfrin mochten se ek noch mei Tjisse Steenstra en Kening Hans Wassenaar op 'e foto. Goed dien froulju!

### 03-08-2019: Ald-Meiers – Hitsum

De froulju fan easterein mochten wer oantrede yn Hitsum op de wolbekende Ald-Meiers partij. easterein hat al trije kear de titel op har namme stean en ek dit jier dogge we wer mei foar de prizen. Corrie Kroondijk, Nynke Paauw en Marrit Meijer út Wommels keatse foar easterein. Marrit docht mei omdat Roelie Kroondijk net mei keatse mei omdat se de Ald-Meiers

al ris wûn hat. Spitigernôch koene se de earste omloop net trochkomme. De eastereiner froulju ferlieze mei 5-5:6-2 fan Stiens. De lettere winner fan de Ald-Meiers is Warkum.

### 07-08-2019: Freule – Wommels

easterein docht dit jier spitigernôch wer net mei.

### 21-08-2019: Frouljus PC – Weidum

Dit jier hiene we mar leafst 5 eastereiner leden op de Frouljus PC stean, Roelie Kroondijk, Sietske o kkema, Tineke Dijkstra, Jeska Terpstra en imke van der Leest. Twa fan de fiif froulju winne ek noch in priis. Jeska Terpstra wurdt mei harren maten Martzen Deinum en Anna-Berber Zeinstra 3e. imke fan der Leest wint mei har maten Nynke Sybrandy en Marrit Zeinstra in moaie 2e priis. Foar imke wie it har lêste PC, nei 15 kear mei dwaan en ferskate prizen kin se weardich ofskie nimme. Froulju, lokwinske!

## NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

### NK Junioaren: 08-06-2019 yn Frjentsjer

Foar easterein keatse: Rutger Wiersma, Jorrit Veldman en Bote Jellema, se ferlieze yn de 1e omloop fan de Hommerts-Jutryp mei 5-4:6-6. Hijum-Finkum is de úteinlike winner.

### NK Senioaren: 10-06-2019 yn Frjentsjer

easterein 1, mei Dirk-Yde Sjaarda, Jan Schurer en Bauke Dijkstra, ferliest yn de 3e omloop fan de lettere winner easterlittens mei 5-2:6-6. earder wûnen se fan Berltsum en Mantgum. easterein 2, mei Hendrik Sweering, Doede Rients o kkema en Wytse Hofstee, ferliest yn de twadde omloop mei 4-5:4-6 fan Dronryp. earder wûnen se fan Damwâld. Jelte Pieter wint mei it Hearrenfean in moaie 2e priis.

### NK Jonges: 15-06-2019 yn Moarre-Ljussens

easterein docht net mei.

### NK Famkes: 15-06-2019 yn Menaam

Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Nynke Paauw binne mei koach Ype Tiemersma yn Menaam Nederlânsk kampioen wurden by de famkes kategory.

easterein wûn de 1e omloop fan Reduzum mei 5-0:6-0. De 2e omloop moasten se tsjin Grou en dat wûnen se mei 3-5:2-6. De 3e omloop stie Stiens harren op te wachtsjen, mar foar in priis of neat, luts easterein mei 1-5:2-6 oan it langste ein. Doe de heale finale tsjin favoryt Makkum, dit wûnen de froulju mei mar leafst 5-2:6-0. Yn de finale tsjin Dronryp waard it 5-2:6-6. Yn 5 omlopen mar 8 tsjin-earsten, petsje ôf froulju!

Sneontejûn rûn 18.30 oere wie der in rûnrit yn de cabrio troch easterein en dêrnei koe der in borrel helle wurde yn de Skoalleseize. o p ferskate plakken hong de flagge út foar dizze toppers. Wat binne we grutsk op ús Nederlânske Kampioenen.

### Nochris fan Herte Lokwinske en genietsje fan jimme súkses!

### NK Froulju: 22-06-2019 yn Easterein

easterein 1, mei Sietske o kkema, imke van der Leest en Jeska Terpstra, ferliest yn de earste omloop fan de 2 Doarpen mei 3-5:6-6. easterein 2, mei Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Corrie Kroondijk, ferliest yn de earste omloop mei 5-1:6-6 fan Ried. Wommels wint it NK (sjoch side 39).

## KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten
<b>21</b>	<b>Welpen famkes</b>	
<b>51</b>	<b>Pupillen famkes</b>	
34	Brecht Stegenga	3
35	Fianne Dijkstra	3
<b>52</b>	<b>Skoalfamkes</b>	
<b>55</b>	<b>Famkes</b>	
2	Corrie Kroondijk	33
11	Roelie Kroondijk	19
18	Nynke Paauw	12
<b>13</b>	<b>Dames Junioaren</b>	
10	Roelie Kroondijk	2
<b>61</b>	<b>Froulju 1e klasse</b>	
3	Roelie Kroondijk	14
13	Jeska Terpstra	8
29	Sietske o kkema	5
37	Corrie Kroondijk	3
49	Selma de Boer	2
53	Baukje Terpstra	1
<b>45</b>	<b>Froulju Haadklasse</b>	
3	imke van der Leest	46
12	Tineke Dijkstra	21
13	Jeska Terpstra	16
30	Sietske o kkema	2
<b>Nr</b>	<b>Top trije measte punten Froulju</b>	
1	imke van der Leest	46
2	Corrie Kroondijk	36
3	Roelie Kroondijk	35

### NK Skoalfamkes: 22-06-2019 yn Stiens

Foar easterein keatse Judith van der Weerd en Liset Sijbesma, se ferlieze yn de 1e omloop fan Dronryp mei 5-1:6-2. Boalsert wint it NK.

### NK Skoaljonges: 22-06-2019 yn Tsjummearum

easterein, mei Arjen Stremmer, Redmer Wiersma en Milan van der Weg, ferliest yn de 1e omloop fan Bitgum mei 5-5:6-6. Ljouwert wint it NK.

### NK Pupillen Jonges: 29-06-2019 yn Ingelum

easterein docht net mei.

### NK Pupillen Famkes: 29-06-2019 yn St. Anne

Foar easterein keatse Brecht Stegenga en Fianne Dijkstra, se ferlieze yn de 1e omloop fan Wytmarsum mei 4-5:0-6. Dronryp wint it NK.

### NK Manlju 50+: 06-07-2019 yn Hilversum

easterein, mei Sipke Hiemstra, Tjeerd Dijkstrs en Roel Sijbesma, ferliest yn de 3e omloop fan Frjentsjer mei 5-4:6-2. earder wûn easterein fan Burgum (5-0:6-0) sy kamen net opdaagjen..... en fan St. Nyk mei 5-2:6-6. Winsum wint it NK.

Nr	Keatser	Punten
<b>39</b>	<b>Welpen jonges</b>	
<b>62</b>	<b>Pupillen jonges</b>	
<b>66</b>	<b>Skoaljonges</b>	
39	Arjen Stremmer	3
40	Redmer Wiersma	3
<b>47</b>	<b>Manlju Junioaren</b>	
<b>42</b>	<b>Manlju 30+</b>	
<b>123</b>	<b>Manlju 50+</b>	
13	Roel Sijbesma	12
30	Jan Vellinga	7
40	Jelle de Boer	6
50	Tjeerd Dijkstra	4
67	Tjerk o kkema	3
74	Ype Tiemersma	3
75	Simon Kingma	3
80	Tymen Dijkstra	2
110	Sipke Hiemstra	1
123	Anco elgersma	0
<b>64</b>	<b>Manlju 2e klasse</b>	
5	Doede Rients o kkema	6
18	Dirk-Yde Sjaarda	3
19	Robert Sijbesma	3
22	Jan Schurer	3
<b>98</b>	<b>Manlju 1e klasse</b>	
2	Bauke Dijkstra	17
46	Dirk-Yde Sjaarda	3
52	Jan Schurer	3
69	Jelte-Pieter Dijkstra	2
<b>51</b>	<b>Manlju Haadklasse</b>	
13	Jelte-Pieter Dijkstra	14
36	Bauke Dijkstra	2
<b>Nr</b>	<b>Top trije measte punten Manlju</b>	
1	Bauke Dijkstra	19
2	Jelte-Pieter Dijkstra	16
3	Roel Sijbesma	12

# Keatsmominten út 2019

## Maart

2/3 'Score Wallball Academy Killshot Challenge' 1e priis (17 jier) en 2e priis (19 jier) Corrie Kroondijk

## April

5 Frijwilligersjûn: "Wêr moat it hinne?" mei Siebe Kuipers

## Maaie

4 Haadklasse froulju ôfdieling yn Frjentsjer 2e priis Sietske o kkema, imke v/d Leest en Jeska Terpstra  
5 Manlju 2e klasse f.f. yn Menaam 1e priis Doede Rients o kkema  
10 Federaasje jeugd yn Folsgeare 1e priis Judith v/d Weerd  
12 Famkes ôfdieling yn Seisbierrum 1e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw  
17 Federaasje jeugd yn Boazum 1e priis Liset Sijbesma en 1e priis Brecht Stegenga  
25 Froulju 1e klasse t.i.l. yn Tsjom 1e priis Roelie Kroondijk  
26 Froulju haadklasse f.f. yn Berltsum 1e priis imke v/d Leest  
30 Manlju haadklasse ôfdieling yn Tsjummearum 4e priis Jan Schurer, Bauke Dijkstra en Dirk-Yde Sjaarda  
30 o/m Jubileum Keatsferiening easterein 115 jier!  
2 juny o pferings Musical 'Kening op Sokken' en Iedepartij manlju en froulju en in Iedepartij foar de jeugd

## Juny

1 Skoaljonges t.i.l. yn Makkum, 1e priis Arjen Stremmer  
2 Famkes ôfdieling yn Stiens 3e priis Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Nynke Paauw  
2 Pupillen famkes t.i.l. yn Ingelum 1e priis Brecht Stegenga  
5 Skoalkeatsen yn Winsum 3e priis Fianne Dijkstra, Tjitske Joustra en Brecht Stegenga  
8 Famkes ôfdieling yn Berltsum 1e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw  
9 Froulju Haadklasse yn Jorwert 1e priis Jeska Terpstra  
14 Skoalfamkes federaasje ôfdieling yn Ysbrechtum 1e priis Liset Sijbesma en Judith v/d Weerd  
15 NK Famkes yn Menaam 1e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw  
16 Froulju 1e klasse f.f. yn Seisbierrum 1e priis Sietske o kkema  
17 - 21 Leanekeatsen yn Harns 1e priis Sipke Hiemstra  
23 Manlju 2e klasse f.f. yn Reahûs/Turns 1e priis Dirk-Yde Sjaarda, Robert Sijbesma en Jan Schurer  
30 Manlju 50+ t.i.l. yn Makkum 1e priis Jan Vellinga



## July

3 Takomstpartij famkes yn easterbierrum 1e priis Corrie Kroondijk  
6 Haadklasse Froulju t.i.l. yn easterein 1e priis imke v/d Leest  
13 Famkes f.f. yn Menaam 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk  
24 Ynternasjonale spul famkes Corrie Kroondijk Europeesk kampioen Wallball < 17 jier  
28 Famkes ôfdieling yn Makkum 3e priis Marrit Meijer, Nynke Paauw en Corrie Kroondijk



## Augustus

3 Manlju 1e klasse ôfdieling yn Frjentsjer 1e priis Bauke Dijkstra, Dirk-Yde Sjaarda en Jan Schurer  
17 Manlju 50+ A klasse yn St. Jabik 1e priis Roel Sijbesma  
21 Frouljus PC f.f. yn Weidum 2e priis imke v/d Leest, 3e priis Jeska Terpstra  
24 Manlju 50+ B klasse yn easterein 1e priis Tjerk o kkema  
24 Famkes yn Minnertsgea 1e priis Corrie Kroondijk  
24 Federaasje Joostema partij yn Turns 1e priis Harm Dijkstra  
25 Famkes t.i.l. útnoeging yn Weidum 1e priis Corrie Kroondijk  
25 Pupillen famkes t.i.l. yn Jorwert 1e priis Fianne Dijkstra



## Septimber

1 Manlju 1e klasse f.f. yn Reduzum 1e priis Bauke Dijkstra  
1 Froulju 1e klasse f.f. yn Reduzum 1e priis Corrie Kroondijk en útroppen ta Keninginne!  
7 Manlju 50+ yn Goutum 1e priis Tjeerd Dijkstra  
8 Lytse PC Manlju 1e klasse f.f. yn Mantgum 1e priis Bauke Dijkstra



Adv. vd Eems